

hear gawain en de griene ridder

Dizze útjefte kaam ta stân mei stipe fan de Provinsje Fryslân

HEAR GAWAIN EN DE GRIENE RIDDER

Tekst: Klaas Bruinsma, Aldemardum

Foarmjouwing: Utjouwerij Frysk en Frij

Setwurk: Bornmeer dtp, Wânswert

Printwurk: Koninklijke Wöhrmann, Sutfen

© 2001 Klaas Bruinsma, Aldemardum

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde en/of iepenbier makke troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder skriftlike tastimming fan de útjouwer.

isbn: 90-73554-73-x

CIP-gegevens Keninklike Bibleteek, Den Haach:

Bruinsma, Klaas

Hear Gawain en de Griene Ridder [fert.]. - Ljouwert: Utjouwerij Frysk en Frij.

Mei lit. opj.

isbn: 90-73554-73-x

nugi: 312

Stekwurd: Hear Gawain en de Griene Ridder/Middelingske ridderroman; tekstútjeften.

HEAR GAWAIN EN
DE GRIENE RIDDER

Middelingske ridderroman

yn oersetting fan
klaas bruinsma

FF

Utjouwerij Frysk en Frij

...lykas bekreun stiet yn it bêste boek fan ridderskip.
Sa is yn Arthur syn tiid dit aventoer bard...

Hear Gawain en de Griene Ridder r.2521, 2522

YNHALD

ynlieding 7

oersetting 13

noaten 117

kolofon 128

YNLIEDING

Hear Gawain en de Griene Ridder is in Middelingelske ridderroman, ien fan de Arturromans út 'e Midsieuwen, dy't yn it Ingelsk 'romances' neamd wurde. It hânskrift, neamd Cotton Nero A X, befettet noch trije oare stêfrymjende gedichten, t.w. Pearl, Patience (= geduld) en Purity of Cleanness (= reinheid). De Pearel, mûlk de grutste pearle út 'e wrâldliteratuer, is troch Dr. Douwe Kalma oerset en troch de Fa.J.Kamminga te Dokkum útjûn yn 1938, in fraaie bibliofile útjefte. Patience hat ta ûnderwerp de beproeving fan Jona en Purity wol reinheid leare út Bibelferhalen. Alle fjouwer gedichten binne yn deselde hân skreaun; allegearre brûke in West Midland dialekt: de dichter blykt goed thús te wêzen yn de omkriten fan NoardWest Wales; hy neamt Anglesey en Holyhead, de furden yn de rivieren en de foarlannen by see (strofe 30) en hy brûkt wurden út dy krite. Alle fjouwer dichten binne út 'e selde tiid, t.w. om 1400 hinne, en allegearre hawwe literêre wearde. Om dy redenen nimt men algemien oan - mar in bewiis is it net! - dat se alle fjouwer fan deselde dichter binne. Wâ't dat wie witte wy net, it gedicht is dus anonym. Mar as it sa is, dan ha wy te krijen mei in geniaal man, dy't syn talint toant yn de kar fan tige ferskillende tema's (de fjouwer neamde dichten), syn rike kennis, fantasij en wurdskat, de beskriuwing fan de Griene Ridder (strofe 7, 10), fan de dames (39, 40), de seizoenen (22 en 23), de wrede winter (31 en 32), de pronk fan klean (81) en wapenrissing (26), de sier sels fan it hynder (26), it pentagram op it skyld (27, 28), in ferbjusterjende kennis fan de boukeunst (strofe 34), de jachtsênes (46, 47, 53 & 54, 57 & 58, 62 - 64, 68 & 69), syn humor (40), Rein de Foks syn siele (76) is bytiden grimmitich (87, 92) en de hiele sfear oan it hof fan kening Artur:

“Alle romrofte ridders fan de Rûne Tafel (libje) mank in floed fan feesten en fleur sûnder soargen.” (strofe 3 en 21). Fierders

hear gawain en de griene ridder

moat er in leard man west ha; de dichter ken Frânsk en Latyn en is mei klassike literatuer op 'e hichte; it ferhaal spilet yn Brittanje, it ryk fan de Britten = Kelten, mar de stamfaar hjit Brutus (n.b.) en begjin en ein fan it gedicht ha in klassike oarsprong, n.l. yn Troje. Rigel 2525 is gelyk oan rigel 1; dêrmei hat it dicht in saneamde ringkomposysje. Ommers, de úteinen reitsje elkoar. Bou en foarm binne knap: de 2525 + 5 = 2530 fersrigels foarmje 101 strofen, (krekt likefolle as Pearl) fan in tige ûngelikens tal stêfrymjende (alliterearjende) rigels, mei hieltyd oan de ein ien koarte rigel en fjouwer langere mei einrym, rymjend ababa. De dichter hat dus èn it Germaanske stêfrym èn it Romaanske einrym brûkt. Dat lêste kaam út it Tsjerkelatyn en soe derop wize kinne, dat de dichter in geastlike wie, dy't it hoflibben dochts út 'e pin koe. Ek hat er each foar symbolyk: It ferrin fan de held syn aventoeren wurdt oanjûn mei de gong fan de fjouwer seizoenen (strofen 22 en 23) Gawain syn wapenbyld op it skyld, de fiifpuntige stjer (str. 27 en 28) hat in fiiffâldige betsjutting (1.syn fiif sinnen, 2.syn fiif fingers, 3.de fiif wûnen fan Kristus, 4.de fiif freugden fan Maria en 5.de fiif deugden.) De trije proaien fan de gasthear op de jacht binne: it eale (froulik) hart (47, 53), de wylde baarch (ever 57, 58 en 62 - 64) en de stikeme, slûchslimme foks (68, 69). De trije presinten, dy't Gawain krijt, wjerspegelje de delgong fan syn stânfêstens. Hy wurdt hieltyd swakker yn syn moetingen mei de gasthear syn leidige frou, dy't him ferliedt. Gawain takket ôf fan eal oant stikem, sa't blike sil. Lykas yn safolle ridderromans is de held in model fan dapperheid en in master yn de hofske leafde. De dichter fan hear Gawain is it meast ynteressearre yn it gedrach fan minsken; hy fynt Gawain syn selskennis wichtiger (dy kin liede ta deemoed en dimmenheid) as de ferhearliking fan syn ridderskip. Hear Gawain en de Griene Ridder skynt in frije bewurking te wêzen fan in ferlern gien Frânsk origineel; de stof is ûntliend oan Ierske en Welske sêgen. It gedicht foeget twa tema's gear: n.l. 1. de ûntholling

mei de útdaging, en 2. de ferliedingssênes: de ridder syn kei-nens wurdt hifke troch de gasthear syn frou. Beide motiven komme ek yn oare Frânske romans foar; se binne hjir ûnderling ôfhinklik makke. De ynhâld fan it ferhaal mei de twa motiven is likernôch sa:

I. Kening Artur fiert Krysttyd mei syn hof. Op Nijjiersdei seit er, hy wol net ite, ear't er in 'nij aventoer of in nuver ferhaal' (strofe 5) heard hat

of dat ien man easke fan in oar earlik ridder
tsjin him nommel te toernoaien, yn noed te setten
syn libben tsjin libben (r. 96 - 98).

Hommels' siemde de seal yn: in ûntsettend hear (136) hast in reus op ierde (140) klaaid yn it grien, mei grien hier en sittend op in grien hynder.

Hy hie gjin helm of harnas, gjin spear of skyld, mar yn 'e iene hân hie er fan hulst in twiichje (206) en yn 'e oare in akse, aaklik en ûnbidich (208). strofe 10.

Hy daget elke ridder út him in hou mei de bile te jaan, op betingst dat dy oer in jier en in dei letter by him komt om in klap werom te krijen (r.285 ff). Earst sil kening Artur sels it karwei oangean, mar op syn fersyk nimt hear Gawain de útdaging oan. Gawain griep syn akse en gierde 'm omheech (421) en: 'De moaie holle hompte fan de hals op 'e flier (427). Mar de Griene Ridder 'fette syn fraaie holle en fuort tild' er him op' en hy 'griep de leie'. Hy praat mei hear Gawain ôf (in akkoart) op de folgjende Nijjiersdei by de Griene Kapelle, en riidt fuort.

II. It jier fljocht om; de hofridders sitte oer Gawain yn noed, mar de deis nei Alderheljen set er dochs ôf op 'e siik nei de Griene Kapelle; syn skyld hat de fiifhoek. Sa yn need en yn noed en yn nepend' ellinde ried troch it rûch lân de ridder oant Krystjûn, allinne. (733 - 735) strofe 31.

Op Krystjûn komt er oan by in prachtich slot; dêr wurdt er hoflik en waarm ûntfongen troch de gasthear en kin er it heech-

hear gawain en de griene ridder

feest fan Krysttyd meifiere. Dêrta útnoege bliuwt Gawain noch oant Nijjiersdei, nei earst wegere te hawwen. Hy moetet twa dames, dy't uterlik (en sa't letter blykt ek ynderlik) de grutste kontrasten binne. (strofe 39, 40)

III. Op trije dagen giet de ridder fan it kastiel te jeien; hy hat Gawain bepraat thús te bliuwen. Hja ha tegearre ôfpraat, elts sil oan de oar jaan wat er dy deis wûn hat 'wa't mar fortún treft of tafalt it legere lot'. (r.1109) Mar de frouwe fan it slot is fereale op Gawain en hja 'sloep nei syn sliepstee' (1189) Hja tutet him de earste deis ien kear, de twadde deis twa kear en de tredde deis trije kear. Mar dy tredde deis jout hja har gurdle, dy't er oannimt omdat se de tsjoenkrêft besit, dat de drager derfan net ferwûne wurde kin. Sa kin er dus rêden wurde fan de klap mei de bile, dy't er temjitte giet. (strofe 73 en 74) Earst wegere Gawain, mar letter swichtet er en hy ûnthjit, it sieraad nea te toanen (1862) [de gurdle] Doe ûnthiet Gawain, dat wis nimmen te wrâld derfan witte soe as hja twaën. (1863, 64) Eltse jûn jout hear Gawain de tuten oan syn gasthear en krijt er werom de jachtbút fan dy dei (in hart, in ever en in foks) Mar Gawain jout him de tsjoengurdle net.

IV. Op Nijjiersdei set Gawain útein; syn feint warskôget him foar de grousume man fan de Griene Kapelle: 'de wreedste man fan de wrâld (2097) De feint giet werom, mar Gawain wol om syn eare 'net lef en lam wêze'; mar trochsette! Sa komt er by de Griene Kapel: 'in ûnhuere kapel fan ûnk (2195) de fûlst ferflokte tsjerke (2196).' Dan komt út in hoale de griene man mei de ûnbidige bile. As dy Gawain in hou jaan sil, dûkt Gawain fan siden (2265). De twadde kears lûkt de Griene Ridder sels de hân yn (2291). En de tredde slach hat 'him net mear ferwûne as oan ien kant in keep'. De Griene Ridder fertelt dan, dat er sels de hear fan it kastiel is; dat er Bertilak de Hautdésert hjit; dat er nei Artur syn hof gien is troch de macht fan de falske tsjoenster Morgan la Fay (de âlde dame oan Artur syn hof (2463), dat er

sels syn wiif oanset hat ta frijen mei Gawain om syn eare en deugd te hifkjen, en dat er Gawain alhiel net ferwûne hie, as dy de tsjoengurdle net benefterhâlden hie. De griene man seit: “Ik hâld jo foar suvre fan de sûnde” (2393) en: “Hear, ik gun jo de gurdle mei de goudene seame”. (2395). Sa komt Gawain oan it hof fan Artur werom, dêr’t er al syn skuld bekend (strofe 100). ‘en de glimmende gurdle oer de groede no droech er’ (2485) Yn ‘e neakene nekke liet er no har de sneed sjen (2498) in smaad foar syn namme (2500) en de gurdle is him ‘de bân fan de blaam’.

Dit is de skand’ en de skea, dy’t ik my beskikt ha.

Dit is it teken fan ûntrou, dêr’t ik op betrape bin en dit moat ik duorjend drage, myn libben lang (r.2507 - 2510).

Mar o wûnder! de hofridders treaste Gawain en toane him leafdefol begryp. Hja beslute sels tenei in heldergriene sjerp te dragen: ‘dat de hearen fan ’t hof dy’t hearden ta de Rûne Tafel’ drage soenen ‘skean oer it skouder in sjerp fan skitterjend grien’ ‘om it foarbyld te folgjen fan de froede Gawain.’ 2515, 2517, 2518.

Dy hat ûnderwyls himsels better kennen leard; likefolle yn it gefaar fan de ûntholling as fan de ferlieding. Gawain hat de lottering dochs trochstien. Spitich is allinne, dat de frou der (wer) min ôf komt, al sûnt Eva. ‘Mar ’t is gjin wûnder as in wanwize healwizet en troch de listen fan liepe froulju yn ’t leed komt’ (2414 en 2415). Mar sels dy waan kin de sjarme fan de ridderroman net weinimme, neffens de oersetter

Klaas Bruinsma

[Dizze oersetting is basearre op de útjefte fan J.R.R.Tolkien & E.V. Gordon [Oxford Clarendon Press]

Earste Sang

1

Sûnt dat de striid en bestoarming staakt wie te Troje,
de boarch tebrutsen, ferbrând ta branhout en jiske,
de man fan de mûklist fan 't gemiene komplot
om syn ferrie berjochte wie, de beruchtste op ierde,
5 doe wien't Enéas de ealman en syn edele neiteam,
dy't gewesten oerwûnen en bewâlders doe waarden
fan suver alle besit op 'e seelannen yn 't Westen.
Nei't de rike Romulus nei Rome him rjochte,
stift' er de stêd earst mei staasje en swidens
10 en neamde mei syn namme har, sa't no hja noch hjit.
Ticius kaam yn Toskane en keas him dêr wenten,
Langabard yn Lombardije lyksa boude huzen,
en fier oer de Frânske see lei Felix Brutus
op gâns grutte heuvels de grûnslach fan Brittanje
15 mei blidens
dêr't nuvrens, noed en need
faak wenne ha mank striden,
en dêr't it lok it leed
fluch folge fakentiden.

2

- 20 Nei't dy tige treflike man Britannië stifte,
kamen dêr keardels dy't kriich jerne mochten;
mannich riten berokkenen hja rampen en ûnk.
En frjemde foarfallen binn' faker hjir bard
as yn ienich oar lân, dêr't ik ea fan wit.
- 25 Mar fan hiel it hear fan heitelâns foarsten
wie Arthur altyd it ealst, haw ik heard.
Dêrom wol 'k in wûnder, yn 'e wrâld bard, ferhelje.
Guon fûnen it frjemd en opfallend te sjen,
in pitertuerlik teltsje yn d' aventoeren om Arthur.
- 30 As jim nei dit liet mar in lyts skoft lústerje wolle,
sil 'k it stalle op stee, sa't yn 'e stêd ik it heard ha
fan tongen.
Sa ha 'k it foarm' en fette,
yn in sterke stoarje fongen,
- 35 yn stânfêst stêfrym keatte,
sa lang yn 't lân al songen.

3

- 't Wie Krysttyd, doe't de kening te Kamelot wie
 mei mannich hoask hear, ta de heechste lju hearrend,
 elts in romrofte ridder fan de Rûne Tafel
- 40 mank in floed fan feesten en fleur sûnder soargen.
 Dêr toernoaiden de nommelen noflik bytiden;
 dêr kampen fol kriich dy keur fan de ridders.
 Dan gongen hja graach ta de govert oan 't hof,
 want dêr fierde men feest folle fjirtjin dagen
- 45 mei alle fiedsel en fleur, dy 't men fine mar koe:
 Sa'n geien en gekjen wie in gloarj' om te hearren,
 drok gedaver oerdeis en dûnsjen de nachts.
 En klare lok kroande de keamers en sealen
 by dy hearen en hofdames, sa 't har hage it leafst.
- 50 Mei alle wille fan de wrâld wienen hja byien,
 de romrofte ridders yn 'e rige fan Kristus,
 en de leaflikste loaiters dy 't libbe ha ea
 en de kwierichste kening, de kreaste fan 't hof.
 Want al dat fraai folk wie yn fleur fan it libben
- 55 op de flier.
 It lokkichst ûnder de loft
 de foarst mei 't aard sa blier.
 Op d' ierd sa'n keardelskloft
 te finen foel grif swier.

4

- 60 It Nije Jier wie sa jong, it wie justerjûn kommen;
dy deis waard in dûbele dis set foar 't selskip;
want de kening wie komd mei de kloft yn 'e seale;
't sjongen yn de tsjinst fan de tsjerke wie dien.
Lûd gierden en geiden de geastliken en leken
65 fannijs oer geniet fan Krysttyd en neamden it faken.
En doe rûnen de riken ta it rikken fan presinten,
bejubljen de jeften fan 't jier dy't hja joegen
en tsierden en tsjetteren tsjin om dy jeften.
Dames laken lûd, al ferlearen hja 't spul
70 en dy't wûn, wie net wrantlich, is wis wol te leauwen.
Al dat maljen makken hja oant it mieltydzjen ta.
Nei it waskjen wanlen hja weardich nei har plak;
bopp' oan de bêste altyd, sa't it de baas wie.
Dêr siet gnappe Gwiniwier, gaadlik yn 'e midden
75 op 'e kostbere kroanbank, kreas fersierd yn 't rûnom;
fine side besiden har, seldsum baldakyn oer har
fan tule fan Toulouse, tapiten fan Tharsia ûnder,
borduerd en bedutsen mei de djoerste juwielen,
te kust en te keur te keap foar dukaten wie 't
80 ryk reach.
De prûzichste pronke blij
en glom mei har grize each.
Lit nimmen neame, dat hij
ea skiener ferskining seach.

5

- 85 Mar Arthur woe net ite, ear't elts betsjinne wie.
 Yn syn jeugd wied er joalich, in grutjonge suver.
 Luchtich libje wie syn lust, him lokke it namste minder
 in lang skoft te lizzen of in lang skoft te sitten,
 sa bûnze syn jong bloed en syn brein sa wyld.
- 90 En in oare reden wie in regel foar him,
 oannommen yn syn foarnamens: nea woed er ite
 op sa'n heuglike dei, ear't him ferhelle waard
 in nij aventoer of in nuver ferhaal,
 in geweldich wûnder, dat wis wie te leauwen,
- 95 fan foarsten of fjochtsjen of frjemd' aventoeren,
 òf dat ien man easke fan in oar earlik ridder
 tsjin him nommel te toernoaien, yn noed te setten
 syn libben tsjin libben, te litten ek d' oare
 syn foarkâns en foardiel, soe fortún him helpe.
- 100 Dat wie de Bewâlder syn wenst wêr't er hof hold,
 op fraaie feesten mei syn foaroansteand selskip
 yn 'e hal.
 Mei 't antlit grutsk en glier
 stie dêr syn stege stal.
- 105 Hiel jentich yn 't Nijjier
 hie er nocht en niget oeral.

6

Sa stie dêr steil de stoere kening sels
oan 'e hege tafel trinten te taterjen oer fiten.
De goede Gawain siet neist Gwiniwier oan tafel
110 en Agravain à la dure main oan de oare side,
Arthur syn omkesizzers en earlike ridders.
Biskop Baldewyn siet boppe, oan 't haad fan de tafel,
en Iwain, soan fan Urin, iet mei him.
Dy rigen oan 'e rike dis en rynsk wie har feestmiel;
115 dêrnei mannich man foar it miel oan de sydtafels.
D' earste skaal ferskynde mei 't skettrjen fan trompetten,
dêr't mannich flagge fleurich oan flappre.
Pril wie 't pompen fan trommen, en de prachtige pipen,
wyld en winich tsoitsjend, wekken har lûd,
120 dat mannich hert him heech heve by harren klanken.
Dêrmei wie 't delikatessen fan djoere spizen,
in floed fan farsk fiedsel op sa folle skalen,
dat it foel net ta en fyn fôar it folk romte
en set it sulver mei sa'n soad sop op 't lekken,
125 sa fyn.
Elts naam doe nei begear
graach sûnder grime yn.
Tolf pannen foar elts pear,
goed bier en bliere wyn.

- 130 Ik sil no fan har noenmiel jim neat mear sizze,
 want wis kin elts witte, der wie gjin gebrek.
 En no kaam neier in nij trelit hommels,
 dat de kening krige gjin kâns en krij iten.
 Want amper wien' oare lûden efkes saksearre,
- 135 d' earste gong fan it gastmiel mei graasje servearre,
 of dêr siemde de seal yn in ûntsettende hear,
 dy't yn mjitte it measte mânsk wie op ierde:
 fan de hals oant de heupen sa hecht en sa grou,
 en fan lidden en lea sa lang en sa grut,
- 140 hast in reus op 'e rûne ierde rûzje ik him,
 mar de meast mânske man teminsten neam ik him
 en foar syn mjitte de moaiste man dy't ride koe,
 want syn bealch wie ûnbidich by boarst en by rêch wol,
 mar syn pânse en prûze mul wienen paslike slank
- 145 en al syn lea folgen linich syn lang stal
 hiel skien.
 Hja stien' oer syn kleur fersteld,
 yn syn skouwing skerp bedien.
 Hy kaam as in krigele held
 150 en wie rûnom ryk oan grien.

8

- De keardel en syn kleen wien' fan kleur alhiel grien:
it stram harnas, hiel strak en stiif om 'e siden,
in moaie mantel dêroer, bemiele fan binnen
mei skien beskeard bûnt, de skittrende fuorring
155 fan blinkend wyt bûnt, en syn bliere kape ek,
dy't lichte wie fan syn lokken, en lein oer syn skouders;
himmele, twang helle hoazen fan datselde grien,
dy't syn kûten omklammen; kreaze spoaren derûnder
fan suver goud op sidene seamen, ryk bestreke,
160 mar sûnder skuon wien' de skonken; net skoaid ried de ridder.
Fan kleur wie syn klaaiing klearebare grien:
de gearen fan syn gurdle en de glimmende stiennen,
mei rynskens rûnstruid oer syn ryk habyt,
ringsom himsels en syn seal op siden patroanen.
165 't Wie behyplik en ferhelje de helt fan de sier,
mei fûgels en flinders der fraai op borduere
yn glêd glânzjend grien, mei goud yn 'e midden.
Wat bingl' oan de boarstriem, de bylkjende sturtriem
en wat blonk oan it bytling hie brânferve; alle metaal ek.
170 De stigels dêr 't er yn stie, strielen yn 'e selde kleur,
en syn sjabrak mei swide seamen allyksa,
dy't aloan glommen en glinstren fan griene stiennen.
Sels it hynder dêr't er heech op ried, wie alhiel fan deselde
natoer:
175 Griën, grut en manjefyk
wie 't hoars, stringwreed en stoer;
yn trinten teame kwyk,
mei de man in moai partoer.

Hiel kreas wie dy keardel klaaid yn it grien
 180 en it hier fan de holle fan syn hynder allyksa.
 Fraai flagjend hier omfette syn skouders,
 wylst in burd as in beamstrûk oer syn boarst hong.
 't Burd en 't hier, dat hearlik fan syn holle weage,
 wienen koartom knipt krekt boppe syn earmtakken,
 185 dat de helt fan syn earms wienen ferhoalen, op 'e wize
 fan in kening syn kapmantel, dy't omklammet syn hals.
 De moanjes fan 't mânske hynder liken machtich dêrop:
 goed krolle en goed kjimd en in knoarre strikjes
 dêr fleurich yn frissle mei goudtried oer 't fraai grien,
 190 om en om ien lokke hier en dan wer in oar string fan goudtrie.
 De foarse sturt en de foarlokke frissle, sa 't partuere,
 en beide ombûn mei in bân fan blier grien,
 mei swide stien besiedde sa lang as de sturt wie,
 dan stringle mei in strús ta in strakke knotte boppe,
 195 dê't mannich bril beltsje fan blank goud oan rinkle.
 Op 'e hiele ierde wie sa'n hynder of sa'n hear dy 't it ried,
 siker yn dy seal nea foartiid sjoen mei it sjen
 fan 't each.
 Syn loaits wie wjerljocht sa ljacht,
 200 sa sei elts dy 't him seach.
 Men eange, gjin ien hie de macht
 en wjerstean syn slaggenfleach.

10

- Dochs hie er gjin helm en harnas likemin,
noch pânser of plaat dy't pasten by wapens,
205 noch in spear of in skyld om te stjitten of smiten,
mar yn 'e iene hân hie er fan hulst in twiichje,
dy 't it grutste grien toant, as grymkeal binn' de bosken,
en yn 'e oare in akse, aaklik en ûnbidich,
in wreed wapen, yn wurden swier te beskriuwen.
- 210 It blêd fan de bile hie de breedte fan in jellen,
in grou lims fan grien stiel en fan goud smeid,
de byt, blank polyste en bûtst, hie in brede sneed,
wie like geskikt ta skearen as skerpe skearmessen.
De stâl dy 't de stoefe griep, wie in stevige stêf,
215 dy 't oant de wide ein omwûn wie mei izer,
en prûze patroanen wienen pleatst yn it grien.
In riem, dy't ringsom rûn, rikt' oan de kop fêst
en stringl' en strúst' om de stâl faak hinne.
Dêr wie befêste in floed fan fraaie kwasten,
- 220 bylkjend borduere, oan blijgriene knoppen.
Dy hear no kaam hommels en hastich de seal yn,
draafde nei de dis en duchte gjin gefaar.
Hy groete gjin ien, mar seach grutsk oer har hinne.
't Earste wurd dat er wijde, wie doe: "Wêr is
225 de lieder fan it laach? It leafste wol ik
sels dy man sjen, dat ik sels no te wurd
him kom!"
- D' eagen rôljend op en del
begobb' er de ridders rûnom,
230 stie stil en speurde fel,
wa't hjir hie de heechste rom.

11

- Hja stoarren in skoft om te skôgjen dy man;
 elts' oanwêzige wie ferwûndre wat dit betsjutte,
 dat in hear en in hynder hienen sa'n kleur,
 235 sa grien as it gers groeit, ja, griener jit skynde 't:
 it glom jitte glânzger as op goud grien email.
 Elts stie dêr te stoarjen en stoep him doe neier,
 wachte ferwûndre wat hy wol dwaan soe.
 Mannich mirakel hie men sjoen, mar sa'n meunster nea earder.
 240 En it folk dêre fûn it fantoom en betsjoening;
 hast idere ealman wie eang en jou antwurd.
 Fersteld oer syn stim sieten stil as in stien hja
 yn swijen fan swymjen yn dy swide seale.
 As wie elts dodd' yn 'e dream, sa dôven har lûden
 245 yn hast.
 Guon woen' út hofflike mjitte -
 net inkeld omt men net doarst -
 ta dy man sprekke litte
 him dy 't elts earje moast.

12

- 250 Doe skôge Arthur dit skouspul skerp foar de hege tafel.
Hy niigde netsjes ta him, want nea wied er bang,
en sei: “Wel, do bist wolkom foarwis op dit plak,
Ik bin ’t haad fan dit hûs en ik hyt fan Arthur.
Stap dochs mei skik ôf en skoftsje wat, freegj’ ik dy,
255 en wat do winskest, witte wy aanst wol.”
“Nee,” sei de held, “by de Hear, dy ’t omhegen troanet,
’t is net myn taak en toevje in tiid yn dyn wente.
Mar mynhear, omt sa heech dyn heechheid priizge wurdt
en dyn stins en dyn striders bestimple wurd’ as de bêsten,
260 de stoersten dy’t yn stiel op striidrossen ride,
de weldichsten en weardichsten dy’t de wrâld ken,
keardels yn ’t kampjen en yn oare krigen sa kras,
en om de ferneamde nommlens dy’t ik neamen heard ha,
dêrom bin ik dizkear dreaun wis hjirhinne.
265 Dizze twiich dy’t ik tûgje, oertsjûget jim grif,
dat ik fóarkom yn frede en gjin fijânskip sykje.
Wie ik komd mei in kloft en de kriich yn it sin,
’k hie in harnas en helm fan hûs beide meinomd,
in skyld en in skerpe skittrjende spear
270 en oar reau en rissing, rekkenje ik.
Mar omt ik gjin kriich kies, binn’ myn klean folle sêfter.
Mar bist sa kibich en kras as alle krigers my sizze,
dan gunst my gol de goekamp, dy’t ik freegje
mei rjocht.
275 En Arthur andre bliid:
“Hear nommle ridder, ’k tocht:
begearsto bleate striid,
dan krijsto dyn gefjocht!”

13

- “Nee, ik freegje gjin fjochtsjen, op myn from earewurd net!
 280 Hjir binn’ op ’e bank inkeld bern sûnder burd.
 Wie ik hecht’ yn myn harnas heech op in striidros,
 gjin man dy’t meunstre tsjin my; jim macht is te swak.
 Dat ik easkj’ yn dit eal hof inkeld fermeits fan Kryssttyd.
 ’t Is just nei Krysttyd, hjoed Nijjier en hjir is gâns fris folk.
 285 Hâldt yn dit hûs ien himsels sa manhaftich,
 as sa bolledryst syn bloed en syn brein sa healwiis is,
 dat er moedich in mep foar in mep doar te jaan,
 dan jou ’k him as myn jeft dit juwel fan in striidbile,
 dizze aks’ oeribel swier, om nei eigen sin te brûken.
 290 D’ earste klap sil ’k krankyl, sa keal ik sit, biidzje.
 Is in hear sa heftich dat er hifkje wol myn trotsjen,
 lit him kwyk by my komme en krije dit wapen;
 ik jou it him jerne; foar jimmer mei er ’t hâlde.
 Dan stean ik syn slach hjir steech op ’e flier,
 295 mits do ynskikst myn eask him in oare werom
 te dwaan.
 Dochs freegje ik respyt
 fan jier en dei him te jaan.
 Sjoch gau no oft ien foar ’t fyt
 300 ’t oandoar werom te slaan.”

14

Liet er earst har fersteld stean, jit stiller wie no
hiel de húshâlding fan 't hof, de hegen en de legen.
De hear op syn hynder draaide hurd om yn 't seal
en rimpen rôl' er de reade eagen yn 't rûn,
305 en bûgde de boarstlige brauwen, de blikkerjende griene
wilewarle 't burd en wachte wa't oerein rize soe.
Mar doe't gjinien him oanspreek, brimde er hiel lûd,
riek him rjocht en riste him ta sprekken.
De hear op it hoars sei: "Is dit it hûs fan Arthur,
310 waans rom dochs rint troch riken yn mannicht'?
Wêr is, mannen, jim oermoedgens en jimme oermastrjen,
jim gleonens, jim grime en jim grutte wurden?
No is 't rinkelroaien en de rom fan de Rûne Tafel
oerweldge mei ien wurd fan ien wis man dy't sprekt.
315 Want elts bevet fan bangens, ear't in bats jûn is!"
Dêrmei lak' er sa lûd, dat misledige wie de foarst.
't Bloed skeat fan skamte yn syn skiene wangen
as brân.
Hy waard as de wyn sa poer.
320 Ek elk oar hie 'n ôfgriis derfan.
De kening, sa kras fan natoer,
stoep ta op dy stege man,

15

- en sei: “By de himel, mynhear, ’t is healwiis watsto fregest.
 Omdatst frege hast om fratsen, hearst dy te ûntfangen.
 325 Ik ken hjir gjin man, dy ’t griist by dyn grutte wurden.
 Jou òp my dyn akse, yn ’e Gods namme,
 en ik ferfolje de ferch, dêrst my om frege hast.”
 Linich ljepte Arthur op him ta en loek him oan de hân.
 Doe flijde ’m ynfieren dy oar’ op ’e fuotten.
 330 No fette Arthur syn akse fêst by de stâl
 en heve ’m ferheftich as tocht er te houwen.
 De stoere man foar him stie dêr yn syn langte,
 in holle heger as wa yn it hûs, ja mear.
 Mei strakke troanje stie er dêr en streake syn burd.
 335 Mei kalme kop loek krankyl hy syn klaad del,
 net méár bang of beevjend foar d’ ûnbidige slaggen
 as hie in banjer fan de bank in beker wyn te drinken
 him brocht.
- Nêst Gwiniwier Gawain
 340 niigde nei de foarst en fersocht:
 “Ik smEEK Jo, simpel sein,
 mei mínes wêze ’t gefjocht!”

16

“As Jo, gloarjefolle hear,” sei Gawain tsjin de kening,
“my gebiede fan de bank te gean om Jo by te stean dêre,
345 sadat ik sûnder lompens ferlitte kin dizze tafel,
behalven as it mishaget myn hege frouwe,
kom ik hastich Jo te help foar Jo hof fol rikens.
Want ik fyn: ’t is net foechsum - sa’t feitlik bekend is -
dat sa’n daging dien wurdt oan sa’n wurdearre man yn Jo hof,
350 al jouwe Josels ta, jerne de taak op Jo te nimmen,
wylst sa mannich moedich man mei Jo op ’e bank sit.
Gjin gaadliker fan geast, gis ik, binn’ ûnder de himel,
noch fikser fan lea op it fjild fan fûl fjochtsjen.
Ik wit my de weakste en de wifste fan geast,
355 en myn libben it lytste ferlies, om de wierheid te sizzen.
Inkeld omt Jo myn omke binn’, bin ik te priizjen.
En bêstens bûten Jo bloed yn myn lea ken ik net.
Omt de saak sa sljocht is, dat se abslút net Jo foeget,
en omt ik foarst Jo frege, befeelje it my ta.
360 Oft ik paslik praat, mei dit prûs hof fine yn frij
beskied.”

De eallju lústren yn ’t lij
en retten deselde ried:
“Stel de kroande kening frij
365 en gun Gawain ’t geniet!”

- Doe befelle de foarst de froede ridder oerein.
 Dy riisde rap oerein en rûn kreas op him ta,
 knibble del foar de kening en krige it wapen oan.
 De foarst lange 't him mei leafde en licht hev' er de hân,
 370 joech him jerne Gods seine en fleurich gebea er him
 om it hert en de hannen dapper te hâlden.
 "Hoedzje dy hoesto him houste," sei de kening.
 "Ast goed oer him gear giest, dan wol ik grif leauwe,
 datst de jaap dy't er letter dy jout, wol oerjierrest."
 375 Gawain gong nei de griene, grypt de bile yn 'e hân.
 De oar stie him steech, gjin stricke benaud.
 Doe begûn tsjin hear Gawain de Griene Ridder te sprekken:
 "Lit ús, foardat wy fierder gean, befêstigj' ús akkoart.
 Foarst freegje ik dy, feardich ridder, hoest hytste.
 380 Sis my de suvere wierheid; sa kin 'k it leauwe."
 "Op myn earewurd," sei de eale ridder, "ik hjit fan Gawain.
 Dy biedt dy dizze bats, wàt ek barre mei letter.
 En hjoed oer in jier krij ik jerne fan dij ien
 mei 't wapen datsto wolst; yn 'e wrâld gjin oar mei
 385 dat dwaan!"
 De oare andre op skik:
 "Mei 't libben lok my jaan!
 Hear Gawain, bliid bin ik
 om de slach, wolst mij dy slaan."

- 390 “By God:” sei de Griene Ridder, “hear Gawain, ’t is my nocht,
fan dyn fûst te ûntfangen wat ik frege ha.
Mei dyn krechte ferklearring hast knap redsum herhelle
sa kreas it akkoart, dat ik de kening frege.
Utsein datst my op earewurd derfoar ynstean moatst,
395 datsto sels my sykje silst, wêrsanne do tinkst
my te finen omfierrens, en t’ ûntfangen it lean
foar watsto my joust hjoed foar t’ joelich selskip fan eallju.”
“Wêr soe ik dy sykje,” sei Gawain, “wêrsanne is dyn wenplak?
Ik wit net wêr do wennest, by Him, dy t’ my wrocht hat!
400 Nee, ’k wit net, nommle ridder, dyn namm’ of dyn hof.
Dat ferhelje my hoest hytst en dêrhinne t’ paad, nei wierheid;
dan sil ’k alle war dwaan de wei dêrhinne te finen.
Dat wol ’k as de wierheid swarre, op myn wis wurd fan trou.”
“Dat ’s genôch yn t’ Nij jier; mear is net nedich,”
405 sei de grutte yn it grien tsjin Gawain de keine.
“As ik it dy krekt ferklearje, nei t’ ik krigen ha de tik
en sêft do my slein hast en op slach ik dy sis
myn hûs en myn hiem en myn hiel eigen namme,
dan kinsto keure myn koers en t’ akkoart hâlde.
410 Mar as ik gjin wurd fergriem, dan giet it dy namste better.
Dan kinst langer bliuwe yn t’ lân; gjin lêst fan fierder sykjen.
Mar ho!
No slaan dyn slach, útein!
Toe, brûk dyn grym ark no!”
415 “Ja, graach hear,” sei Gawain,
en streake t’ skerpe reau.

19

- De Griene Ridder riste redsum him ree op 'e grûn.
 In bytsje bûgd' er de holle; hy ûntbleate de hûd.
 De lange, leafflike lokken lei er oer de krún
 420 en liet de neakene nekke foar de needsaak sjen.
 Gawain griep syn akse en gierde 'm omheech.
 De lofter foet op de flier foar him settend,
 liet er fluch him falle op it fel dat bleat lei,
 dat it skerp fan de sneed snie troch de bonken,
 425 skeat troch it skoander fleis en skate 't yn twaën,
 dat it blêd fan it blinkend stiel biet yn 'e grûn.
 De moaie holle hompte fan de hals op 'e flier.
 Gâns folk feegde 'm fuort mei de fuotten, dêr 't er rôle.
 't Bloed boarstte út it bleat liif en blonk op 'e grienens.
 430 Lykwols wankle of wifke de wisse alhiel net,
 mar stoer stoep er fuort op syn sterke skonken.
 En rimpen roetst' er troch de rigen fan de ridders,
 fette syn fraaie holle en fuort tild' er him op.
 Doe gong er nei syn guds en griep er de leie,
 435 steunde yn 'e stiichbûgels en stoep yn it seal
 en hold by it hier syn holle yn 'e hân
 en sette himsels yn it seal, sa stevich
 as wie gjin ûnk him oerkomd, ek al wie him de holle
 ûntsetten.
 440 Hy draaide de romp yn it rûn,
 it lichem dat bjuster blette.
 Mannichien waard fan eangst oerwûn,
 doe't hy syn wurden ferfette.

- Want hy hold de holle yn syn hân rjocht omheech;
445 nei de kostlikste op 'e kroanbank keard' er 't gesicht.
Dat loek de eachslidden op en lôke mei iepen eagen
en mei de mûle moanne 't, sa't jim hearre kinne:
"Meitsje, Gawain, dy gau ree te gean, sasto ûnthjitten hast
en sykje mei suvere trou, oant do siker my fynste,
450 sasto ûnthjitten hast hjirre en heard is troch de ridders.
Gean nei de Griene Kapel, Gawain; ik hjit dy te heljen
sok in hou asto houd hast; do hast it fertsjinne
flot dyn jeft fan ferjilding op Nijjiersmoarn te barren.
Mannichien ken my as krigel ridder fan de griene Kapelle.
455 Dat ast mei skreppen my sikest, dan sil it dy slagje.
Dus jou dy op of do hearste te hjitten in leffert!"
En mei in rûge rop ritst' er rimpen de leie om
en haaste him mei de holle yn 'e hân troch de hûsdoar,
dat it fjoer fan de flint fleach út 'e hynstehoeven.
460 Nei wat gea er gong wist gjin ien yn de seal;
wê't er wei kommen wie, dat wist allyksa
net ien.
En de kening en Gawain laken
en begniisden de man yn 't grien.
465 Mar mank minsken wie 't in mirakel
dat hie dúdlik bliken al dien.

21

- Hoewol't de hoflike kening yn 't hert him ferwûndre,
 liet er gjin skyn dêrfan sjen, mar sei er hiel lûd
 tsjin de kreaze keninginne mei kwierige wurden:
- 470 "Eale frouwe, wês perfoarst net ferfeard dizze dei.
 Sokke fiten foegje folslein by Krysttyd,
 't spyljen fan luftige stikjes en laitsjen en sjongen
 by dizze deftige dûnsen fan dames en ridders.
 Likegoed kin 'k fergulde gean oan myn miel,
- 475 Want ik ha sjoen in seldsum barren, dat ûntstride kin 'k net."
 Hy gûke nei hear Gawain en mei graasje sei er:
 "No hear, hingje dyn aks' op; dy hat no genôch houd!"
 Dy waard hinge heech boppe de kroanbank en hechte oan 't tapyt,
 dat alle minsken him murken en machtich bewûndren;
- 480 by dit betrouber teken fertelden fan 't aventoer.
 Dêrop gyngen de grutte hearen tegearre oan tafel,
 de foarst en de fikse ridder, en feardige feinten tsjinnen har
 mei dûbele poarsjes fan eltse pree, prinshearlik lekker,
 mei alle soarten fan spizen sawol as muzyk.
- 485 Oan wille wijden hja dy dei; dy waard einlings ta nacht,
 sa't moast.
- Pas goed op, hear Gawaan,
 datsto út eangst net doarst
 dit aventoer te dwaan,
- 490 datst op dy nommen hast!

Twadde Sang

22

Dit aventoer krige Arthur as earste Nijjiersjeft
yn 't jonge jier, want jerne heard' er fan dapper ûnthjit.
Wurden wienen him wei, wylst hja in sit namen;
no binne stiiffol stoppe mei stoefe arbeid har hannen.
495 Gawain woe graach begjinne mei 't grutte spul yn de seale,
mar ferwûndrje jo echt net, as aanst de ein swier is!
Want al is 't folk fleurich fan sin, as it fiks dronken hat,
in jier jachtet foarby en jout nea itselde werom!
De ynset en de útein akkordearje komselden.
500 Sa kriemde Krysttyd foarby en koerste it jier fuort;
elts seizoen fan de sirkel folge op syn bar it oare.
Nei Krysttyd kaam de koartkearige Fêsten,
dy't mei fisk en ienfâldiger iten it flêsk hifkje.
Dan begjint it waar fan de waarmte mei de Winter te striden;
505 de kjeld krûpt yn d' ierde; heech kliuwe de wolkens.
Blinkend brûzet de rein yn buien fol waarmte
en falt op it fraai flakke lân, dêr't blommen ferskine.
Sawol greiden as geurge bosken binne grien yn 'e klean.
No bodzje en bouwe en bliid sjonge de fûgels
510 om 't fermeits fan de mylde Maityd, dy't folget
sa blier.
En blossums bloeie oan ranken
en hagen mei tsjoen en tier.
Dan klinke kostlike klanken,
515 dy't wâlje troch 't wâld fol sier.

23

Dan it seizoen fan de Simmer mei de sêfte winen,
 as Séfirus siicht oer siedlân en planten.
 Tige bliid is de blom, dy't bûten yn 't fjild waakst,
 as de dampe dauwe dript fan de blêden
 520 en hja bidet in bliere blink fan de briljende sinne.
 Dan komt jamk de Hjerst, dy't jaget de fruchten
 en har warskôget, fóar de winter te waaksen ta ripens.
 Hy driuwt mei droechte de dôve moude, dy't riist
 fan it antlit fan de ierde en oeral omheech fljocht.
 525 Wrede winen yn de wolkens wrakselje mei de sinne.
 It leaf fan de linebeam belânet op 'e grûn;
 alhiel griis wurdt it gers, dat grien wie alear.
 Alles ripet en rottet wat riisd is yn 't earst.
 Sa jaget it jier alle dagen ta juster.
 530 En de Winter komt wer, sa't de wrâld syn berin
 dat docht.
 Doe't Sint Michiel syn misse
 it wanken fan winter brocht,
 brocht Gawain him gau yn 't gewisse
 535 syn slim tamtearjende tocht.

- Dochs bid' er oant Alderheljen en bleau er by Arthur.
Dy liet fiere in feest foar de feardige ridder
mei rojaal rinkelroaien en rijens fan de Rûne Tafel.
Tige hoflike hearen en heechsteatlike dames
540 sieten út soarch om de man sels slim yn noed.
Nettjinstearde dy noeden neamden hja inkeld wille;
sûnder nocht nokkren hja grappen om de nommele ridder.
Nei in skoander miel sei er mei smert tsjin syn omke;
kundge oan syn ôfreis en iepenlik sei er:
545 "No, befeljend foarst fan myn libben, freegje ik Jo ferlof.
Jo ûnderkenne it aard fan 't affear, en ik easkje net fan Jo
alle lêst en ellinde te hearren, mar inkeld in bytsje.
Mar ik moat om de mep fuort moarnier sûnder mis,
en gean nei de Griene op syk, sa't God my it paad wiist."
550 Doe bosken de bêsten fan de boarch daliks gear:
Iwain en Erik en oaren yn mannicht';
Hear Dodinal de hufter, en de hartoch fan Clarence,
Lanselot en Lionel en Lukan, de bottelier;
Hear Bors en hear Bediwier, beide grutte mannen,
555 en mannich oar mânsk hear mei Mador de portier.
Hiel dy kloft fan it keningshof kaam ta de kening
om de ridder rie te jaan; 't wie mei rou yn it hert.
En gâns swiere smert fersombre de seale,
dat sa'n grut man as Gawain gean moast ta de taak,
560 in smertlike smiet trochstean, sûnder mei 't swurd tebek
te fykjen.
De ridder bleau flink en fleurich
en sei: "Wêrom soe 'k ûntwykje?
Of 't lot my leaf is of treurich,
565 wat kin men oars as 't besykje?"

- Dochs bleau er dêr hiel de dei, mar d' oare moarns rist' er him ree.
 Hy frege ier om syn eale wapens, dy 't men allegear brocht.
 Foarst waard der fljyd oer de flier in readsiden tapyt
 en gâns wie 't fergulde reau, dat glom op it flierkleed.
- 570 Dêrop stapte de stoere man en naam it stiel te hân;
 doek yn in deftich wammes fan djoere side út Turkestan.
 Dêroer in knappe kapmantel, dy't by de kiel sletten wie en
 dy't fan binnen mei blank bûnt befuorre wie.
 En hja setten de stielen skuon oan de ridder syn fuotten
- 575 en omskuten syn skonken mei skynplaten fan fraai stiel,
 knotten dêroan knibbelstikken, klear polyste;
 om syn knibbels klonken hja dy mei knoppen fan goud.
 Doe de knappe kapen, dy 't kundich omklammen
 syn grouwe bouten fan billen; hja bûnen se fêst mei riemen.
- 580 Doe waard yn 't ridderharnas, dat reaun wie fan ringen fan stiel,
 set op in sierlike stoffe, dy strider bewuolle
 en beide earmen ombûn mei blank polyste mouwen.
 Earmtakken prûs en prachtich; yn pânserwanten de fûsten,
 en al it redsum reau, dat him gerive moast
- 585 dy tiden.
 Syn rike wapenris,
 syn gouden spoaren, de swide.
 It swurd dat er gurde, wie wis
 ûnder siden sjerp om syn siden.

- 590 Doe't er reaun wie yn 'e wapens, wie syn rissing prachtich:
de lytste ludze of trins dy ljochte fan goud.
Mei sa'n harnas as er hie beharke er de misse,
it offer fan eare op it heech alter brocht.
Doe kaam er ta de kening en syn kammeraten oan 't hof,
595 naam hertlik fan de hearen en hofdames ôfskie,
dy't him tuten en treastlik konfoaiden,
[him tabetrouwend oan Kristus.
Doe wie syn guds Gringolet ree en gurde mei in seal,
dat gloarius glom fan gâns gouden franjes,
oeral nij mei neilen beset, derop naaid foar dat doel.
- 600 De stjoerteam wie streke rûnom en mei strieljend goud opsierd;
de pronk en priel fan de beage en de prûze slippen,
de sturtriem en de sjabrak, dy't by de sealbôgen partoeren.
Alles wie útrist yn 't read, en rynsk mei goud besiedde,
dat it glinstre en glom as de gloed fan de sinne.
- 605 Doe naam er te hân de helm en hastich tute er dy.
Dy wie stevich besterke, en bestoppe fan binnen,
en kaam heech op syn holle, waard hechte fan eftren,
en in ljochte linnen doek waard lein oer it fizier,
borduerd en bedien mei de djoerste juwielen;
- 610 op swide board fan side en op 'e seamen sieten fûgels,
portretteare as pronkjende pappegaijen yn pracht,
toartels en trouweleafde-knopen sa tsjok deryn toand,
want gâns fammen hiene deroer gear west yn 'e gong fan sân jier
yn 't hûs.
- 615 Hoe kostber wie de kroan,
dy't omklamme syn krún sa prûs,
de moaie diamanten dêroan,
blinkend en bril by de rûs.

- Doe beskikten hja him it skyld fan skitterjend read
 620 mei de swide fiifhoek, deryn set fan suvere goudkleur.
 Hy naam it skyld by de skouderriem en skode dy om de hals.
 it paste en postuere de man prachtich moai.
 En wêrom dy fiifhoek fraai foege de nommele prins
 dat sil 'k Jo ferhelje, al hâldt it myn ferhaal op:
- 625 It is in symboal, dat Salomo ynsette ienris
 ta in teken fan Trêft om de betsjutting dy't it hat.
 Want it is in figuer dy't fiif punten befettet
 en eltse line krúst en knottet eltse oare,
 en oeral is it einleas; en de Ingelsen neame it
- 630 oeral de einleaze knotte, lykas ik hear.
 Dêrom is it foechsum foar dizze ridder en syn fraaie rissing:
 altyd folút betrouber yn fiif punten en fiif kear op elts punt
 wie Gawain as goed bekend en as goud sa suver,
 sûnder hokker skelmskens, mar sierd mei deugden
- 635 totaal.
- De fiifhoek op skyld en klaad
 droech er dêrom as 't synjaal,
 as ridder fan 't edelst aard
 en tolk fan betroubere taal.

- 640 Foarst waard er foutleas befûn yn syn fiif sinnen;
twad: yn syn fiif fingers faalde de man nea.
En tred: al syn fertrouwen wie tapart oan de fiif wûnen,
dy't Kristus krige oan 't krús, sa't ferkundiging ús seit.
Wêrsanne dizze man steld wie yn 'e striid,
- 645 wie syn ynlike oandacht boppe alle oare dingen,
dat er al syn fiksens ûntfong fan de fiif freugden,
dy't de keine Himmelkeninginne krige troch har Bern.
Om dy reden liet de ridder mei rjocht
har byltenis byldzje yn it binnenst fan it skyld.
- 650 Dat, seach er nei 't sinbyld, dan sonk syn moed nimmer.
De fiifde fiif dy't de foarman toande - sa fyn ik -
wienen gollens en goedens gund boppenal;
syn keinens en kwierens, dy't kweadwaan nea sochten,
en dearnis boppe d' oare dingen; dy suvre fiif deugden
- 655 wiene hechter yn dy held hechte as yn wa ek.
Wiswier wien' yn dy ridder oanwêzich al dy fiif,
elts ynheakjend yn de oare, dat net ien hie in ein,
mar befêste op fiif punten sûnder feil;
nea gearlutsen yn ien line, noch ien los fan in oare,
- 660 mar oeral einleas op elke hoeke, likefolle
wêr't men it útgongspunt nimt of de ein fan it spul kiest.
Dêrom stie op syn skitterjend skyld no sketst it teken,
keninklik glânzjend fan goud op grûn fan read.
't Wurdt de folsleine fiifhoek neamd troch 't folk fan leardens,
- 665 foarfêst.
No klear yn 't glimmend gerei
griep Gawain syn lânse fêst
en groete elts: "Goendei!"
Hy waande, 't wie foar 't lêst.

- 670 Hy spoare de hynst mei de spoaren en spatte fuort,
 sa fûl dat it fjoer út 'e flinten flitste efter him.
 Elts dy't de sierlike seach, suchte yn 't hert
 en elts sei earlik tsjin de oaren itselde
 en beklage de kreaze: "By Kristus! 't is in griis
 675 datsto, leave man, ferlern giest mei dyn libben sa nommel!
 't Is wier in karwei te wrâld syn gelikens te finen.
 Hoedener hanle te hawwen hie wizer west;
 dy nommele namme te beneamen ta hartoch:
 as ljochtsjende lieder fan lânslju hie er skoan past.
- 680 Dat hie better west as tebrizle te wurden,
 om heechmoed ûntholle troch in hear fan heksერიје.
 Wa ken in kening dy't sa 'n kweade rie oannimt,
 dat keardels kreauwe om Krystwike-sputtsjes?!"
 Gâns wie it waarm wetter, dat wâle út 'e eagen,
 685 doe't de himmele hear it hûs ferliet
 dy dei.
- Hy toeve net dêrby,
 mar gyng no gau syn wei.
 Gâns wylde wegen ried hy,
 690 allyk it boek my sei.

30

No ried dizze ridder troch it ryk fan Logres,
om Godswil hear Gawain, al gie 't net mei nocht.
Faak lykme allinne, sûnder lânslju oernacht' er
dê't er net foar him set fûn it foer dat er lestte.
695 Hy hie gjin helpmaat as syn hynder yn heuvels en bosken,
noch in oar as inkeld God om ûnderweis mei te praten,
oant er neier en neieroan by Noardwales kaam.
De eilannen fan Anglesey hold er allegarre lofts,
teach fierder oer de furden en foarlannen by see
700 jinsen by de Holyhead, oant er heger lân wer krige,
de wyldernis yn fan Wirrall; dêr wennen mar inkelden,
dy't God of minske mei in goed hert leaven.
Wylst er foardere, frege er finten dy't er moete,
oft hja hjir of jinsen heard hienen praat oer
705 in griene ridder fan de griene kapelle.
Elts sei neat oars as: Nee; hja hienen nea yn har libben
sa'n persoan ea sjoen of hearden oer sa'n grienen
fertellen.
De ridder naam in raar berin
710 troch mannich muoisume delle.
Aloan feroare syn sin,
ear't er sjen koe dy kapelle.

31

- Mannich klif klom er oer yn kritten him frjemd.
 As in frjemdling fier fuort fan syn freonen swalk' er.
 715 Oan elts waad of wetter, dêr't de warbere lâns kaam,
 fûn er in fijân foar him - 't wie frjemd as it oars wie -
 elts sa falsk en sa fûl, dat er fjochtsje moast hieltyd.
 Sa folle gefaren fûn de man op de heuvels,
 't wie in toer en fertel it tsiende part dêrfan.
 720 Soms wraksl' er mei wrede draken, mei wolven ek soms,
 somwilen mei wâldgeasten, dy't wennen yn 'e rotsen,
 soms mei bollen of bearen, wylde bargaen in oare kear,
 en rûge reuzen dy't oer de rotsen him jagen.
 Hie er net tûk en taai west, net tsjinne de Heare,
 725 sikerwier hie er ferslein en sûnder mis lang al dea west.
 It striden faksearre him net sa slim, mar slimmer de winter,
 as it kâlde, kleare wetter kletst' út 'e wolken
 en befrear, ear't it falle koe op 'e feale ierde.
 Hast teslein troch de snie sliepte er yn de wapens
 730 mear nachten as noflik op 'e neakene rotsen,
 dêr't fan de krún kletterjend de kâlde stream rûn
 en heech oer syn holle hong yn hurde iisjûkels.
 Sa yn need en yn noed en yn nipend' ellinde
 ried troch it rûch lân de ridder oant Krystjûn
 735 allinne.

De ridder bea dy tiden
 om Mem Marije har minne,
 dat hja him rette by 't riden
 en wiis nei in wente him hinne.

- 740 D' oare moarns ried er monter by in mânske hichte
in hiel wiid wâld yn, dat wûndre wyld wie:
hege heuvels oan eltse hân en it hout dêrûnder
fan grize en grouwe iken, fergearre wol hûndert.
De hazzenút en de hagedoarn wien' alhiel fertiisd,
745 mei rûch en rafflich moas rûnom bemantle.
Op 'e toarre strûken sieten tryst kloften fûgels,
dy't treurich tsjettren fan fertriet om 'e kjeld.
Hear Gawain op Gringolet glied ûnder har lâns
troch gâns sompen en sodzen, in siel allinne,
750 om syn need yn 'e noed, dat it net him slagge
en beharkje de heechmis fan de Hear, dy't dy nachts,
om ús smert te ferslaan, út in suvre faam berne waard.
Dêrom sei er suchtsjend: "Ik smeeke Jo, Heare,
en Marije, Jo mylde mem my sa djoer,
755 om in hûs dêr't ik hertsfrom harkje kin nei de misse
en moarn nei de metten. Deemoedich freegje ik,
en dêrta pleitsje ik prompt mei Pater Noster en Ave
en Credo."
Al ridend bea er de Hear
760 en skreaud' om syn sûnden in needskreau.
Hy krúske him idere kear:
"O Kristus' krús, toan my genede, o!"

33

Amper trijeris hie de trouwe him tekene mei it krús,
 of hy waard yn 't wâld gewaar in went mei in slotgrêft
 765 op in terp yn in tra, mei de tûken besletten
 fan bombidige beammen, ombuordzjend de singels:
 de sierlikste stins, ea 't besit fan in ridder,
 makke yn in miede mei in moai park ringsom,
 dat hiel hecht omheind wie mei heechpuntige peallen,
 770 dy't oer mear as twa milen mannich beam besleaten.
 De held seach ien side fan dat sterke kastiel,
 sa't it skymre en skynde troch de skiere iken.
 Hy naam hoflik syn helm ôf en hiel from tank' er
 Jezus en Sint Juliaan, goederjousk beide,
 775 dy't goedens him gund hien' en gol syn rop ferheard.
 No sei er: "Ik smEEK jim: beskik my goed ûnderdak!"
 Doe goarsele er Gringolet mei it goud oan syn hakken.
 Dy rûn op 'e rûs lokraak de haadreed op
 en brocht syn baas braaf nei de brêge-ein ta
 780 hiel flot.

De brêge stie steil omheech.
 De poarte stiiffêst yn 't slot.
 De muorren wien' mânsk en steech,
 net bang foar de wyn syn bewâld.

34

- 785 De held op it hynder hold stil op 'e wâl
fan de djippe, dûbele daamgrêft, dy't rûn om de stins.
De wâlmuorre woartle yn 't wetter wûndere djip
en helle in hiel hege hichte nei boppen,
wie fan houde hurdstien oant de hege kroanlisten,
790 ûnder de sterke trânsen útstykjend yn fraaie styl;
dan de tuorren, tige trefflik boud dêrtusken,
mei mannich moai sjitgat mei machtich útsjoch;
in better bûtenwurk hie de banjer nea sjoen.
Dêrbinnen seach er de stins, dy't seldsume heech wie,
795 mei tal fan tuorren, tsjok beset mei pinakels,
prachtich passende en pylkjend spitse tuorkes;
har kapstiennen kurven mei bekwamens en tûkens.
Dêr skog' er ferskate skoarstiens, kalkwyt
op 'e toppen fan 'e tuorren, en tige wyt blinkend.
800 Sa folle skildere siertuorren wienen struid rûnom,
sa tsjok troppe tusken de trânsen fan 't kastiel,
dat it krekt like, 't wie knipt út papier.
De eale hear op it hynder like it hiel noflik,
as er 't klearje koe en kom binnen de freding
805 om herberch te hawwen yn dit hûs foar de hjeldei
mei plesier.
Hy rôp en daliks kaam
in wachter, kreas en kwier,
dy't de nommle syn boadskip fernaam
810 en de swalker groete mei swier.

- “Goede man,” sei Gawain, “wolsto gau myn boadskip bringe;
 freegje de hear fan dit hûs, oft er my herbergje kin?”
 “Ja, by Petrus!” sei de poarteman, “k bin planút der wis fan,
 dat Jo wolkom yn ’e went binn’, sa lang ’t Jo bliuwe wolle.”
- 815 Doe gong de man gau en gau kaam er hoflik wer
 nei foaren mei folk ta ûntfangst fan de ridder.
 Hja lieten de foarse flapbrêge falle en kamen nei bûten
 en knikten op ’e knibbels del op ’e kâlde ierde
 ta in wolkom fan de warbre, sa’t hja him weardich achten.
- 820 Hja ûntskoattlen de brede poart’ en skoden dy wiid iepen,
 en rap liet er har oereingean en ried oer de brêge.
 Gâns feinten fetten syn fraaie seal, wylst er ôfstoept,
 en gâns sterke mannen stallen syn stoer hynder.
 Ridders en baronnen kamen rap doe nei foaren
- 825 om bliid dizze banjer te bringen yn ’e seal.
 Doe’t er heve syn helm kamen hastich in protte
 om dy te heinen fan syn hân en de hoffike te tsjinjen.
 Syn swurd en syn skyld waarden sa ek meinomd.
 Doe groete er mei graasje dy gearkommen ridders.
- 830 Gâns hege hearen himen ta hulde oan dy prins.
 Alhiel hecht’ yn ’t harnas waard er brocht yn de seale,
 dêr’t in fleurich fjoer fiks flamme yn ’e hurd.
 Doe ferliet de lieder fan dit lânfolk syn keamer
 om minlik te moetsjen de man op de fier.
- 835 Dy sei: “Jo binn’ wolkom wat Jo wolle, te dwaan.
 Al wat hjir is, is Jowes en alles is ta Jo wil
 en wetten.”
- “Tige tank!” sei hear Gawain.
 “Mei Kristus ’t Jo leanje letter!”
- 840 Doe hawwe dy mannen optein
 elkoar yn ’e earmen sletten.

- Gawain begûke de man dy't gol him begroete
en fûn him in stoere strider, dy't de stins besiet:
in beam fan in baas, yn 'e bloei fan syn libben.
- 845 Breed en brún wie syn burd, beverkleurich alhiel.
Stoer en stevich stie er op sterke skonken.
't Gesicht fûl as fjoer, mar froed syn praten.
Sa't Gawain giste, lik' er gaadlik yndied
en hâld hearskippij ta hoede fan brave minsken.
- 850 De hear gong nei syn hofmaster en hiet him as hear,
folk te fetsjen as feinten om him dimmen te tsjinjen.
Ta syn befellen fuort ree wienen folle feinten,
dy't him brochten yn blinkende keamer. It bêdeguod wie fraai:
sierlike siden gerdinen mei skittrjende gouden seamen,
- 855 tige tûk makke tekkens en treflike spreien,
fan boppen mei blank bûnt en borduerd oan 'e siden.
Oer roeden rûnen gerdinen mei readgouden ringen.
Tapiten fan Toulouse en Turkestan toanden har oan 't lewant,
en ûnder de fuotten op de flier fan likense soarte.
- 860 Under bliid gebletter waard de brave dêr útklaaid,
de hear fan syn harnas en hearlike rissing ûntdien.
Rap rûnen mannen, dy't rike gewaden him brochten
ta karút en ferklaaiing, en hja keazen de bêsten.
Sa gau't er ien krige en klaaid wie dêryn,
- 865 siet him dat sierlik mei silende skoat.
Doe skynde wier syn ferskinning suver eltse hear ta
de mylde maityd; mei al dy kleuren
liken lôgjend en leaflik al syn lea dêrûnder.
In moaier mânsk ridder wie nea makke troch Kristus,
- 870 waard tocht.
Hy like, wêr't de wrâld oer
syn went ek wêze mocht,
in prins sûnder partoer
op 't fjild fan fûl gefjocht.

- 875 In hege stoel by de hurd, dê't de houtskoal yn barnde,
 waard gau foar Gawain, de gast, reeset, mei hantwurk:
 kessens op kreaze spreien, knap makke beide.
 Om de man waard in moaie mantel hinne ploaid
 fan sierlik bestikte, ljochtsidene stoffe,
- 880 fan binnen fraai fuorre mei fel fan it bêst bûnt,
 alhiel mei harmeling sierd, de hollekepe allyksa.
 Op dy stoel naam er sit yn it sierlik ryk klaad,
 en waarme him wakker; doe waard it sin better.
 Op slach waard op skammels in skiene tafel set
- 885 en sierd mei skjin lekken, dat sniewyt glânzge,
 en mei in swilk en in sâltlokje en sulveren leppels.
 Gawain wosk him mei wille en wanle nei syn miel.
 Feinten tsjinnen him tige trinten en treflik
 mei ferskate streksome soppen, smakelik krûde,
- 890 dûbele poarsjes, sa't paste, en in protte soarten fisk,
 guon bakt yn brea, oare bret op gleone koallen,
 guon sean, guon yn stip, smaaklik makke mei krûden,
 elts mei sauzen sa skrande sean, dat se him smakken.
 De man fûn 't in feestmiel, sei er faken en nommel,
- 895 sa hofflik, dat alle hearen like hofflik meien
 him presten:
 "Nim no dizze biten fan boete;
 it finere komt nei de fêsten!"
 De man waard fleurich te moede,
- 900 omt de wyn yn 'e holle him gêste.

- Doe waard frege en fiske op foarmlik hoedene wize
nei persoanlike saken fan de prins, steld oan himsels,
oant er hoflik behertige, hy hearde ta 't hof,
dat de eale, ynferene Arthur allinne regearre,
905 de rike en ryenske kening fan de Rûne Tafel,
en dat er wier Gawain sels wie, dy't wie yn de wente
en komd wie foar Krysttyd, sa't krekt him bard wie.
Doe't de hear hearde, hy hie dy held yn 'e hûs,
doe lake er lûd, sa leaf wie it him,
910 en alle minsken makken yn 't fermidden sa'n wille
en ferskynden doe snjiddich yn syn presinsje,
omt alle tigens en tûkens en trinten manieren
behearre by him en hy huldige wurdt jimmer,
foar alle minsken op ierde syn eare it grutst is.
915 Eltse man sei syn maat temûk no de wurden:
"No sille wy siker sjen de sierlike manieren
en de treflike termen fan petearjen fan eallju.
Hoe foarspoedich sprekken is, is sûnder freegjen te learen,
no't wy ûntfongen ha dit fraai foarbyld fan beskaving.
920 God hat yn Syn goedens Syn geunst ús jûn, wierlik,
dat Er sa'n gast as Gawain ús gunt te hawwen,
no't bliid om de berte fan 't Bern minsken sjonge ta
Syn eare.
Dizze man liedt ús, nei ús ferlet,
925 ta 't fetsjen fan nomle manearen.
Ik tink, dat wa't him heart,
grif leart oer leafdes petearen."

- Doe't it dinee dien wie en d' ealman oereingien,
 wie 't benei al neare nacht oan de tiid.
- 930 De prysters pandren ta plicht nei de kapelle
 en letten hiel lustich, lykas 't hearde, de klokken
 foar de fromme fesper fan it heechfeest fan Krysttyd.
 De hear gong dêrhinne en syn hoffrou allyksa.
 Mei swier gong hja de besletten hearebank yn.
- 935 Gawain gong goedmoeds en gau ek dêrhinne.
 De hear fette 'm by de flippe en fierde him nei in sit.
 Hy neamde syn namme; as in neiste groete er him
 en sei, hy wie mear wolkom as wa ek yn 'e wrâld.
 D' oar tanke him tige en betsjûge syn groetnis.
- 940 Hja sieten stimmich tegearre sa lang de tsjinst duorre.
 Doe hie de steatlike dame sin en besjoch de ridder;
 hja stapte út 'e besletten bank mei in soad kreaze fammen.
 Hja wie de fraaiste fan fel, fleis en antlit,
 fan figuer en fan glânzgens, fan graasje en alles,
- 945 en gnapper as Gwiniwier, sa't Gawain tocht.
 Hja kaam troch it koar om de kreaze te groetsjen.
 Oan de lofter hân late har lykwols in oare dame,
 dy't âlder as hja wie en bejierre al like
 en heech yn 'e hulde by de hearen om har hinne.
- 950 Wakker ûngelyk wienen dy wearde dames fan oansjen:
 de tige jonge wie tierich, en fertoarke wie d' oare.
 Rynsk wie it read op it roazich antlit fan d' iene;
 rûge ronfels leinen yn rôlen op 'e wangen fan d' oare.
 D' iene hie in holdoek mei in heap prûze pearels,
 955 wylst it boarst en de blanke hals har bleat toanden,
 dy't skiener skynden as snie, dy't siicht op de hichten.
 D' oar hie in halsdoek om de hûd fan de hals teard;
 har kachelswart kin yn kalkwite wale bewuolle;

hear gawain en de griene ridder

har foarholle bestoppe yn side, beskûl hielendal,
960 beseame en besiedde mei siersels rûnom.

Fan dat brúntsje wie neat bleat as har brúnswarte brauwen,
de twa eagen en de noas en de neakene lippen,
en dy wienen suterich om te sjen en seldsume skier.

In mânske masteresse koe men har neame, swar ik
965 mei in eed.

Har lea wie koart en grou,

har billen bol en breed.

Swieter foar smaak wie de frou,

dýt hja oan de hân hie en beet.

- 970 En Gawain kipe nei de kreaze, dy't sa kwierich like,
 en mei geunst fan de gasthear gong er harren temjitte.
 De net-jonge groet' er; hy niigde hiel needrich.
 De leafflikste loek er in lyts yn 'e earmen;
 hy patte har prústich en prinslik spriek er.
- 975 Hja kamen jern' yn 'e kunde en kwyk frege hy
 har trouwe tsjinner te wurden, alteast as hja 't winsken.
 Hja namen him nei har en noegen him pratend
 nei de hurd yn it hûs, en hânsum fregen hja
 om 't aroma fan krûden, dy't rij en rap brocht waarden
- 980 en lekkere lânwyn allyk, hieltyd wer.
 De stinshear sprong sierlik sân kear yn 'e loft
 en mannich kear moann' er ta 't meitsjen fan wille,
 heve fan 'e holle syn kap, en hong dy heech op in spear
 en prikle har pleagjend de priis fan eare te winnen
- 985 foar wa't it measte fermeits bemastre op 't Krystfeest.
 "Ik besykje te striden tsjin de sterksten, op myn wurd;
 ear't my dy kape kaapt wurd, kaap ik wol help fan myn freonen!"
 Mei sok laitsjen en lokjen loek de hear de fleur deryn
 en joech Gawain dy jûns joelige wille mei spultsjes
- 990 fol nocht.
 Oant einlings 't tiidstip kaam,
 dat de hear hiet: "Bring ús ljocht!",
 hear Gawain ôfskie naam
 en bliid syn bêd opsocht.

- 995 De moarns dat elts minske minlik betinkt,
dat de Hear dy't foar ús heil stoar, hillich berne waard,
waakst yn eltse went yn 'e wrâld de wille om Him.
Sa ek dêre dy deis troch dingen fan nocht:
op 'e tiden fan de mielen tige treflike gerjochten;
1000 oan 'e dis dappre mannen yn djoere pronkklean.
It heislik âld wiif hie de heechste sit
en de hear naam hoflik neist har syn plak yn.
Gawain en de gnappe dame sieten tegearre
yn 'e midden, dêr't iten it earst kaam, lykas foeget;
1005 dan serveard yn 'e seal, sa't it suverste paste.
Doe't eltse ridder neffens rang rjochtlik betsjinne wie,
wie der fiedsel en fleur en safolle wille.
It hiele ferhaal ferhelje soe in heikerwei wurde,
al skrept' ik miskien en beskriuw 't yn 'e puntsjes.
1010 Dochs wit ik, dat Gawain en de wûndermoaie dame
fan elkoars selskip sa folle plesier fongen
troch har noflik, hoflik petear, nommel en persoanlik,
suvere, sierlike taal, sûnder hokker smoargens,
dat har nocht wie fernimstiger as 't fernoegjen fan in foarst,
1015 wiswier.
En trommen en trompetten
en lillepipen klonken blier.
Elts soarge foar syn pretten
en dy twa foar eigen fertier.

- 1020 Ferdivedaasje wie dêr dy deis en de oare
 en de tredde dei wie ek tropfol dêrnei.
 De nju fan Sint Jansdei wie in nocht om te hearren
 em wie de lêste fan de lossens, wie de lju har betinken.
 Gasten moasten gean yn de grize moarn,
- 1025 dat wûndre lang wekken hja en wyn dronken hja.
 Hja dûnsen; lang duorren har deftige goverts.
 Op it lêst doe't it let wie, namen allykwol hja ôfskie.
 Eltse geve man gong foargoed op'en paad.
 Gawain sei goendei; mar de golle hear kearde 'm,
- 1030 konfoaide him nei eigen keamer, krekt besiden de hurd;
 spriek him persoanlik oan en sei him minlik tank
 foar de oangename eare, him oandien troch Gawain,
 dat dy syn hûs de hulde op dy heechtiid dien hie
 en syn stins sierd mei syn skoander selskip.
- 1035 "Wis, hear, sa lang ik libje, sil ik my lokkich priizje,
 dat Gawain myn gast wie op Gods eigen feest."
 "Gjin tank, hear!" sei Gawain, "de goedens is Jowes;
 alle eare Jo eigen. Mei de iivge Kening it Jo ferjilde!
 Ik bin wis ree om Jo wil en Jo wurd te dwaan.
- 1040 Dêr bin ik ta bûn oer alle boegen troch plicht
 as wet."
 De hear die alle war
 en hâld de ridder in set.
 Mar Gawain andre op syn bar:
- 1045 "Nee, dat kin út noch yn net!"

- Doe hifke de hear hiel hoflik him persoanlik
wat driuwend ding him dreun hie yn dy dagen fan feest
en kom fan it keningshof sa kras allinne,
ear't de hjeldagen alhiel út 'e hûs wienen.
- 1050 "Sa is 't, hear," sei Gawain, "Jo sizze 't presiis, hear,
My hat helle út 'e hûs in hastige, wichtige taak,
sels is 't my besteld en sykje in plak op,
ik wit net wêr yn 'e wrâld ik it fine moat.
Ik wol net, dat ik noch op Nijjiersmoarn net fûn ha,
- 1055 sa wier help my de Hear om hiel it lân fan Logres.
Dêrom sis ik dit fersyk no sels oan Jo, hear,
my suver wier te sizzen, oft Jo soms praten heard ha
oer de Griene Kapelle en wat grûn dy op stiet,
en de hear dy't har hat, alhiel grien fan kleur.
- 1060 By kar en akkoart ha wy in keazen plak ôfpraat
by dat merk dy man te moetsjen, as 'k libje teminsten.
En no bin 'k fan 't Nijjier net botte fier mear ôf.
As God it my gunt, wol ik graach dy man sjen.
By Gods Soan! ik begear it mear as goud my te winnen.
- 1065 Wiswier, mei Jo wolnimmen, op wei moat ik gean,
want ik tel foar myn taak amper trije dagen mear,
en ik soe like leaf stjerre as mislearj' yn myn boadskip!"
Doe sei de loflike hear laitsjend: "Nee, langer moatte Jo bliuwe,
want is de tiid om, dan toan ik Jo de tagong nei dat plak.
- 1070 Lit it plak fan de Kapelle Jo net mear pleagje;
mar bliuw op Jo bêd, brave man, nei Jo nocht.
Sliep in gat yn 'e dei en gean Jo gong op Nijjiersdei;
kom midmoarns by dat merk en meitsje wille
yn 'e finne.
- 1075 Bliuw noch oant Nijjiersdei;
riis dan oerein en riid hinne.
Men wiist Jo wol de wei;
't is gjin twa myl hjir fandinne."

- Doe wie Gawain fol wille en wakker fleurich lake er:
 1080 “No tankj’ ik Jo tige hjirta, boppe tal fan oare dingen.
 No wurdt foltôge myn tocht, en trou sil ik bliuwe
 nei Jo wil, en wat Jo oars winskje, wol ik graach dwaan.”
 Doe griep him de gasthear en sette Gawain nêst him;
 hy liet de hofdames helje ta hegere nocht.
- 1085 Der wie sierlik plesier foar harsels persoanlik.
 Ut leafde utere de luftige hear lûden, sa derten
 as in wyld dy’t healwizet, net wittend wat er docht.
 Doe rôp er de ridder en raasde hiel lûd:
 “Jo ha besletten oan myn fersyk folslein te foldwaan.
- 1090 Hâlde Jo dat ûnthjit, no hjirre en hjoed?”
 “Jawis, hear, jawier,” sei de wierhaftige ridder,
 “sa lang ik bliuw yn Jo boarch, byn ik my oan Jo gebod.”
 “Jo binn’ tein op in tocht tige fier,” sei de gasthear;
 “ha nachtrave mei my en binn’ noch net goed bykomd
- 1095 troch spize noch sliepen; soks wit ik foarwis.
 Jo bliuwe lang boppe yn Jo bêd, op Jo gemak
 moarnier oant de misse; en oant ’t miel geane Jo
 as Jo wolle, mei myn wiif, dy’t wis by Jo sit en
 Jo plesiert mei har selskip; Jo sill’ bliuwe oant ik wer kom
- 1100 yn ’e stins.
 Moarnier gean ’k ier op wei;
 op jacht gean is myn winsk.”
 Gawain gong yn alles mei
 en bûgde as hofflik minsk.

- 1105 “Boppedien,” sei d’ oare, “lit ús in ferdrach meitsje:
al wat ik my win yn it wâld, dat wurdt Jowes,
wylst Jo elts gewin dat Jo winne, wikselje tsjin mines.
Ealman, lit ús útruilje en earlik oerjaan,
wa’t mar fortún treft of tafalt it legere lot.”
- 1110 “By God!” sei de goede Gawain, “graach stim ik ta;
en wat Jo lust lokket, liket my leaf ta.”
“Wa komt mei de buorrel? Wy beklinke ’t akkoart!”
sa sei de slothear fan dy stins; hja skatterlaken beide
en dronken en djoeiden as dollen domdryst,
- 1115 dy hearen en hofdames, sa lang ’t harren hage.
En mei Frânske foarnamens en folle fraaie frazen
stienen hja stil en sprieken hiel súntsjes,
patten hiel prûs en paslik namen hja ôfskie.
Troch folle folk mei flamjende fakkeljochten
- 1120 waard eltse bûnsmaat hiel braaf nei ’t bêd ta brocht
op ’t lêst.
Mar ear’t men op bêd lei de lea,
waarden faken akkoart neamd en kêst.
De frijhear fan ’t folk fan dat gea
- 1125 koe de wizen fan wille poerbêst.

Tredde Sang

46

- Foar't it dage kaam it folk ier út 'e fearren.
Gasten dy't gean woenen, gierden om har feinten.
En dy riisden redsum om de rydhynders te sealjen,
makken ree alle reau en risten de reistassen.
- 1130 De keur klaaiden har alhiel klear foar de rit,
ljepten linich yn 't seal en de leie griepen hja.
Elts gong gau de wei, dy't goed him talike.
De leave lienhear fan 't lân wie net as lêste
ree om te riden; by de rûs hie er feinten.
- 1135 Hastich iet er in hap, nei't er heard hie de misse.
Mei de hoarn ried er hastich en hurd nei it jachtfjild.
En doe't it deiljocht dage oer d' ierde,
sieten hy en syn hearen heech op 'e hynders.
Doe keppelen de kundige kennelers har hûnen,
1140 ûntsleaten de slútdoar en skreauden: "Derút!",
bliezen bjuster op 'e bugels trije bluistrige stjitten.
Dêrop blaften de brakken en bilen lûdroftich,
en skolden en swypke waarden dy't skeaten wei fan
de hûndert hartejagers, dy't hearden ta de bêsten
1145 fan de wrâld.
Kearders kloften nei harren plakken,
keppelers joegen de hûnen bod.
't Hoarnblazen en blaffen fan de brakken
makken in mânsk rumoer yn 't wâld.

- 1150 By it earste byljen fan de blaffers beve it wyld;
troch de delling draafden de dieren, dûm fan de skrik.
De harten himen nei de hichten, mar heftich waarden hja
dwerskeard troch de driuwers, dy't dapper raasden.
De harten mei har heech gehaad lieten hja fleane,
1155 de batske bokken mei de brede hoarnen allyksa,
want de slothear hie beskaat, yn it sletten seizoen
mocht gjin man him bemuoie mei de manlike harten.
De hinen waarden heind mei "Heila!" en "Ho!";
de deimen daverjend dreau'n nei de delten.
- 1160 By it sjitten wie te sjen it strûzen fan de pylken:
by eltse bocht yn de bosk bromden flitsen,
dy't mei brede oerden bieten yn de brune hartehûd.
Sjoch! hja brinzgen en bletten, bruiden dea op 'e skeanten,
nei't yn rêde rin de rûkers har aloan hjitfolgen.
- 1165 De hearen jagers mei hoarn stoden hastich har nei
mei in skettrjend geskal as spjal'tten de rotsen.
't Wyld dat de wyldsjitters wist te ûntwiken
waard treaun fan it heechlân en treitre nei 't wetter
en omlein én útroppe op de ûntfangen.
- 1170 Tûk beleard wien' de lju op dy legere posten,
de grize wynhûnen sa gau, dat se griepen fuort ta
en flapten har del, sa fluch as it folk it seach
te stûn.
De hear wie yn wille wei;
1175 fjouwre faak en sprong op 'e grûn.
Fol fleur spandearr' er dy dei
oant djip yn de donkere jûn.

- Sa fersette him de slothear by de seam fan it wâld
 en de goede man Gawain lei goed op in moai bêd
 1180 en skoarske him, oant de sinne skynde op 'e weech,
 ûnder dageblank dek mei gerdinen ringsom him.
 Wylst er slomme en slûge, hearde er sêft
 in sunich gesûs by de doar, dy't stikem iepengie.
 En hy heve de holle heech ûnder de tekkens wei,
 1185 en tilde ta in tsier in tip fan 't gerdyn op
 en kipe kjel: wat koe dat wol wêze?
 It wie de frouwe, hiel oanfallich foar 't each;
 dy sleat stikem en súntsjes de doar efter har
 en sloep nei syn sliepstee. Beskromme wie de ridder
 1190 en lei him listich wer del, dat it like oft er slepte.
 Hja stapte stiltsjes en sloep nei syn bêd ta,
 treau it kleed oan kant en krûpte doe neier
 en sette har sêft oan de side fan 't bêd,
 en wachte dêr wihoe lang om him ûntweitsjen te sjen.
 1195 De skrutene lei ferskûle in skoft dat lang duorre
 en hifke yn it hert wêr't dit hinnegean soe,
 wat it tsjutte en betekene; him tocht it wie wûnder.
 Dochs sei er yn himsels: "It sil pasliker wêze en
 ûntdek no daliks har doel troch te freegjen."
 1200 Doe rekke er wekker, riek him en rjochte him ta har
 en iepne de eagen en like echt ferheard.
 Fuort krúsk' er him from om sa feiliger te wêzen
 tsjin ferlied.
 1205 Wyt wien' en read as bloed
 har kin en wangen swiet.
 Hiel leaflik wie har groet
 en de laits, dy't har lippen oer glied.

- “Goemoarn, hear Gawain”, groete dy kreaze dame;
“Jo binn’ in sleauwe slieper, dat men hjir ynslûpe kin.
1210 No wurde Jo snipt op stee. As wy gjin bestân slute,
byn ik Jo op bêd. Dat bart; wês dêr wis fan!”
Al laitsjende loste de leidige dame dy gekheid.
“Goemoarn, gnappe frouwe!” sei Gawain hiel bliid;
“gean te wurk nei Jo wil; dat wol ik mei nocht.
1215 want ik swichtsje op slach en smeeke om genede.
Dat is ’t maklikst, nei myn miening, en ik moat wol út need.”
Sa grapke Gawain werom mei gâns bliid laitsjen.
“Mar, froede frou, wol de frijheid my gunne;
lit Jo finzene frij en freegje him oerein te gean.
1220 Dan kom ik fan ’t bêd ôf en klaai my wat kreazer;
dan priuw ik grutter pree yn ’t praten mei Jo.”
“Perfoarst net, flinke hear,” sei de oanfallige,
“fan ’t bêd komme Jo net; ik gebied Jo wol better.
Ik sil Jo hjir bestopje en de oare side ek,
1225 en dan prate mei de prûze ridder dy ’k pakt ha.
Want wisse, ik wit wol, dat Jo wier binn’ Gawain,
troch de hiele ierde eare, wêrearne Jo mar ride.
Jo hegens en hoflikens wurdt hoflik prize
troch hearen en hofdames, ja troch hiel it minskdom.
1230 En no binn’ Jo hjir en nimmen oars as wy twaën.
Myn fikse man en syn feinten binn’ omfierrens gien;
oaren binne op bêd jit; ek bleaun binn’ myn fammen.
De doar is tadien en ticht mei in taaie skoattel,
en no haw ik yn ’e hûs him dy’t elts graach mei.
1235 Myn tiid brûk ik tûk, sa lang dy tiid duorret,
mei praat.
Wolkom ta myn lea en sa lang
as Jo eigen wille beskaat.
Ik moat út suvere twang
1240 Jo tsjinje, en ’k bin ta Jo baat.”

- “By myn goede trou!” sei Gawain, “in geunst liket my dat,
 al bin ’k net sa’n baas as dêr’t Jo fan beare.
 Te rikken ta sa’n rom as Jo hjir fan roppe
 bin ik wiswier ûnweardich; dat wit ik sels wol.
- 1245 By God! as’t Jo goed tocht, wie ik grif bliid,
 as troch wurd of wurk ik eat út ’e wei sette koe
 foar ’t plesier fan Jo persoan; dat wie suvere wille.”
 “By myn goede trou, hear Gawain!” sei de gnappe dame,
 “de trêft en de tigens dy’t in tsjoen binn’ foar oaren,
 1250 as ik dy lekke of leechachte, wie ’t lichtwol ûnfoech.
 Der binne froulju by de fleet, dy’t folle leaver winsken
 Jo, hear, yn har hâld te hawwen, sa’t ik Jo hjir ha,
 derten mei Jo te djoeien yn deftich petear en
 har plesier te besoargjen en har smert te fersêftsjen,
 1255 as gâns fan it guod of it goud dat hja hawwe.
 Ik bring hulde dy Hear, dy’t de himel regearret,
 dat ik alhiel yn ’e hân ha wat allegear winskje,
 troch genede.”
- Hja joech him sa folle fleur,
 1260 de frou fraai fan antlit en rede.
 De ridder stelde mei keur
 fan antwurd har aloan tefreden.

- “Mefrou,” sei de fleurige, “mei ús Leaffrou ’t Jo ferjilde!
Op myn earewurd; ik ha ealge Jo edele gollens,
1265 en faken fan oar folk gâns goeds opfongen.
Mar de trêft, my tapart foar myn fertsjinsten, is oerdreaun.
It is Jo eigen eare, dy’t inkeld goeddwaan kin.”
“By Marij!,” sei de minlike, “my tinkt, it is oars;
want omfette ik alle fleur fan de froulju dy’t libje,
1270 en al wie alle weelde fan de wrâld yn myn hannen,
koe ik kwânselje en kieze foar ’t krijen fan in man, -
om it aard dat ik ealge, eale hear, yn Jo hjir,
om Jo fraaiens en fatsoen en floatige manearen,
dêr’t ik earder fan heard ha en hjir no foar wier hâld,
1275 soe ’k net ien op ’e ierde útkieze as Jo.”
“Wis àl, eale frou,” sei de oar, “Jo ha útsocht in bettere,
mar it haget my, dat Jo hege wearde hechtsje oan my.
’k Bin ienfâldich Jo feint; foar myn foarstinne hâld ik Jo.
Ta Jo ridder bin ’k riddere; mei rynsk Kristus ’t Jo leanje!”
1280 Sa bepraten hja in protte oant it punt fan midsmoarn.
Al dy tiid die de dame oft hja djip him leafhie,
mar de hear wie hiel hoeden en hannele hofflik.
“Al wie ’k de fraaiste faam,” tocht de frou by harsels,
“namste minder minne toand’ er.” - Syn miswier hat er
1285 fuort socht;
de dreun dy’t him bedimme;
dy moast fan need folbrocht.
De dame woe ôfskie nimme;
fuort sei er, ’t wie him rjocht.

- 1290 Doe groete hja him: “Goendei!” mei in glimk yn har loaits.
 Dêr stie hja en ûntstelde him mei sterke wurden:
 “Mei Hy dy’t elts petear tierje lit, foar dit fertier Jo leanje!
 Mar wier, dat Jo Gawain binne, wol my net oan.”
 “Hoesà, Mefrou?” sei er foarmlik en frege har fuort,
 1295 freezjend dat er in flater slein hie yn ’e foarm fan syn sprekken.
 Mar de sierlike seinge him en sei lykas folget:
 “Ien dy’t sa goed as Gawain foar galant hâlden wurdt
 en de hofflikheid alhiel yn himselsme beslút,
 koe net licht sa lang by in leave dame toevje,
 1300 sûnder te tingjen nei in tút yn ’e trant fan syn hofflikheid
 troch in taast nei in tinne snaar, as ’t petear oan ’e ein is.”
 “Jawis, sa’t Jo winskje, mei ’t wêze,” sei Gawain,
 op Jo befel tútsje ik freonlik, sa’t foeget in ridder.
 Mar freegje net fierder; oars foel ik Jo ôf faaks.”
 1305 En no kaam hja neier en naam him yn ’e earmen,
 niigde nei him oer en nochlik tute hja de man.
 Doe betrouden hja betamsum elkoar ta yn Kristus.
 Hja drafke nei de doar en dimpte it lûd,
 en hy riste him ree en rap kaam er oerein.
 1310 Hy rôp kalm syn keamerfeint en keas syn klean.
 Doe’t er ree wie, rûn er rju bliid nei de misse,
 en doe gong er oan ’t gastmiel, dat gaadlik him wachte.
 Hy makke mânske wille hiel de dei, oant de moanne opkaam
 oer ’t hûs.
 1315 Nea waard in man moaier ûntfongen
 troch twa deftige dames, sa prûs.
 Hy en d’ âldere dam’ en de jonge
 makken meiinoar nocht by de rûs.

- En altyd wie de grutte hear fan it gea oan 'e gong mei syn sport:
1320 jeie yn houtlân en heide op hinen dy't net kalf wienen.
Doe't de sinne fersonk, hie er sa'n soad deade
oan hinen en oare harten, dat men hold it foar wûnder.
Doe fitere it folk fûl gear op it lêst
en hastich makken hja in heap fan de harten, hjoed deade.
- 1325 De grutte lju gongen mei gâns folk dêrop ta
en fergarren de grousten, dêr't gâns fet oan siet,
en fiken se feardich fyn, sa't fakwurk fereasket.
Somliken ûndersochten se op 't stee fan de keuring:
twa fingerbree fet waard fûn yn de skraalsten.
- 1330 Doe kurven hja de kiel en krigen de pânse,
skuorden dy út mei in skerpe knyft en 't skier fleis naaiden hja ta.
Dêrnei rieten hja de ranke skonken en reepten de hûd ôf.
Doe brieken hja de bealch; út it boarst hellen hja de yntaast
en feardich smieten hja fuort it fleis fan de knotte.
- 1335 Hja stieken de strôte en snjiddich skaten hja
de swolge fan de smelle longpiip en smieten de rest wei.
De skoften skearden hja út mei har skerpe messen;
hellen de sinen troch in sneed om de siden hiel te hâlden.
Doe brieken hja it boarst en briizlen dat midstwa
- 1340 en setten op de strôte mei in snjit wer ta,
rieten rap him iepen, ropten oant de knik,
loeken út de yntaast en meien dêrnei
ropten hja redsum by de ribben alle fluezen los.
Hja kurven kreas mei kepen by it rêchstring wei
- 1345 al wat deroan hong, alhiel oant de heupen.
Hja hysten it gehiel omheech en behoffnen it sa,
en dat neamden hja ôffal by namme mei krektens,
woe 'k ha.

1350 By de bilnaad fan idere bout
fiken hja 't fel efter ta.
En hastich ha hja it houd
rjocht lâns it rêchstring midstwa.

- Doe houden hja de holle en de hals beide ôf.
En snjiddich snienen hja de siden fan de rêchbonke
1355 en soalden yn de strûken it presint foar de roeken.
Doe boarren hja yn beide siden by de ribben in gat
en hongen se heech op by de hoksen fan de skonken;
elts krige part en poarsje dy't him takaam.
It fel fan it fraai bist fuorren hja de hûnen;
1360 ek de lever en de longen en de lytse pânse,
en brea bette yn bloed wie dêryn bemongen.
Heftich bliezen hja de hoarn en har hûnen blaften.
Dêrnei fandelen hja har fleis en fjouweren nei hûs;
lieten sketterjend skalle mannich skrיל synjaal.
1365 Doe't it deiljocht ferdwûn wie, wie it dryst selskip kommen
yn 'e sierlike stins, dêr't stees de ridder bide
hiel stil,
by 't hurdfjoer bliid fan herte.
De hear wie tel no op til.
1370 Doe't Gawain minlik him mette,
wie der wille nei elk syn wil.

- Doe hiet de hear de hiele kloft yn dy halle te sammeljen;
 de twa dames mei har drokke fammen ek del te kommen.
 Foar alle folk op 'e flier hat er feinten gebean doe
 1375 te fetsjen en foar te fieren it fleis fan de harten.
 Hiel hofflik en helder hiet er Gawain te roppen.
 Hy toande 'm it tal fan de trintene bisten
 en it flimerjend fet, fike fan de ribben.
 "Hoe befalt Jo dit fyt? Untfang ik Jo lof?
 1380 Haw ik tige Jo tank troch myn tûkens fertsjinne?"
 "Jawis," sei Gawain, "dit gewin is it fraaist wyld,
 dat ik sjoen ha oer sân jier, yn 't seizoen fan de winter."
 "Alles gun ik Jo, Gawain," sei de gasthear dêrop,
 "want krekt neffens 't akkoart kinne Jo 't easkj' as Jo eigen."
 1385 "Da's suver wier," sei de oar; "en ik sis Jo itselde:
 wat ik weardich my wûn ha yn dizze wente,
 wiswier, dat wurdt Jowes, mei likefolle wille."
 Hy fette syn fraaie hals fêst mei de earmen
 en patte him sa prûs as er paslik betocht.
 1390 "Wel, nim oan wat ik wûn ha; mear gewin haw ik net.
 Ik joech it Jo jerne, ek jitte as 't mear wie."
 "It is goed," sei de gasthear, "grutte tank derfoar.
 Mar it blykt faaks it bêste, as Jo bûnich my ferklearje,
 wêr't Jo dy weelde wûn ha troch Jo wisse betûftens."
 1395 "Dat wie net yn 't ferdrach," sei d' oare; "dus freegje net mear.
 Fertrou my, ik ha Jo betelle wat Jo takomt
 te krijen."
 Hja laken bliid en tefree;
 wien' mei lûden fan lof net mijen.
 1400 Nei 't jûnsmiel stoep men op 't stee
 mei gâns nije lekkernijen.

Letter sieten hja by de skoarstien yn 'e sierlike keamer;
feinten brochten faak har de feestlike wyn.
Wer sprieken hja ôf har spul te spyljen de oare deis,
1405 deselde oerienkomst út te fieren as earst:
wat tafal har trof, har fortún út te ruiljen,
al wat hja nij wûnen, wêr as hja jûns moeten.
Hja kamen ta akkoart foar de kloft fan alle kastielfolk;
de buorrel waard brocht as boartlik gebeart.
1410 Dat late op 't lêst ta in leaflik: "Goenacht!";
sawol gasthear as gast gong mei gauwens op bêd.
Mar trije kear kraaid en keakle hie de hoanne,
doe't de lienhear ljepste fan 't bêd, en syn lju allyksa.
Oan it miel en de misse waard meidien sa't foeget,
1415 en it selskip sette nei 't wâld, ear't de sinne ferriisde,
ta jacht.
Mei sjitark en skille hoarnen
fleagen hja troch fjilden yn pracht.
Loslitten tusken de toarnen
1420 spatten speurhûnen út alle macht.

- Gau skreauden hja: "Sykje!" besiden in somepe;
 de hearen hisen de hûnen oan, dy't it earst rûkten.
 Wylde wurden wurpen hja ta mei in woest lawaai,
 dat de hûnen dy't it hearden, hastich dêrhinne skeaten
 1425 en fluch it fuotspoar folgen, wol fjirtich tagelyk.
 Doe is der sa'n rumoer en tumult fan de meute fan speurders
 ferriisd, dat de rotsen rûnom derfan daveren.
 It hear fan jagers hyste har oan mei hoarn en mei mûle.
 Doe keppelen hja ta in kloft en krongen dêr gear
 1430 tusken in dobbe yn dat donker bosk en in driigjende rotsklip.
 Under in klompe rots by in klif, oan de kant fan de somepe,
 dêr't de rûge rots yn raffels tefallen wie,
 fleagen hja nei de fynst, folge fan de jagers.
 Dy krongen om de klompe rots en de kling,
 1435 want hja wisten wol, dat it wyld dêre skûle,
 it bist dat dêr bespeurd wie troch de bloedhûnen.
 Doe bûtsten hja op de boskjes en gebeaën him: "Derút!";
 ta har ûnk skeat er út op it folk dat oerders stie.
 In seldsum grou swyn swonk dêr te foarskyn.
 1440 Lang ferlyn wie de keppel ferlitten troch dy âldfader,
 want hy wie fûl, de meast foarse bargebear.
 Doe't er gnoarre fol grime, doe griisde mannichien.
 By de earste traap treau er trije tsjin de ierde,
 en sprong spattend fuort en sparre sa de oaren.
 1445 Dy huilen hiel lûd: "Huila! en Heisa!";
 holden de hoarn oan 'e mûle en heftich rôpen hja: "Tebek!"
 Monter wie de mannichte mûlen fan mannen en hûnen,
 dy't batsend efter dy baarch oan, mei gebalt it te deadzjen
 dier socht.
 1450 Faak fersette it swyn him fûl
 en teistre de troep yn gefjocht.
 In tal waard ont grysliek gegûl
 en jammerlik janken ta brocht.

- Doe ferskynden de skutters en skeaten op him;
1455 fjurren har flitspylken ôf en faak rekken hja him,
mar de skichten, sketten yn syn skoften, ketsten ôf op it taai spek,
en de wjerheaken woene net woartelje yn syn hûd.
Al spatte de glêde spits ek oan splinters,
de kop kitste oeral dêr't er kurve, tebek.
1460 Mar doe't him skeinde it skrinen fan har skerpste skichten,
doe, sljocht foar de striid, stod' er ôf op de jagers
en teheistre har heftich, doe't er hastich foarút skeat.
Gâns siddren fan skrik en skrillen tebek,
mar de hear op syn hynder fleach hurd efter him oan.
1465 Hy blies op syn bugel as banjer op 't jachtfjild,
hy rôp: "Sammelje!" en ried troch it rûge strewel
en siet efter it swyn oan, oant de sinne al striele.
Sa waard dizze dei mei dat bedriuw trochbrocht,
wylst ús rju eale ridder rêstte op bêd.
1470 De nommle wie noflik thús yn nachtklean fol kleur
en gloarje.
De dame fergeat him net:
hja kaam mei in groet ta bekoarjen.
Tige ier stie hja by syn bêd
1475 om syn sin en syn hert te feroarjen.

- Hja drafke nei it gerdyn en doe kipe hja nei de ridder.
 Hear Gawain begroete har gracieus earst,
 en hja joech him jerne it juste antwurd werom,
 naam sêft in sit oan syn side, en swiid lake hja
- 1480 en mei in leaflike loaits sei hja lokjend de wurden:
 “Binne Jo wier Gawain, hear, dan is ’t wûnder, tinkt my,
 dat in keardel, sa kreas altyd keard ta it goede,
 dochs net de manieren fan nommel selskip oannimt,
 of as ien se Jo leart, Jo se út it sin sette.
- 1485 It is glêd Jo fergetten wat ik goed juster Jo leard ha
 mei de alderearlikste wurden, dy’t ik ea sizze koe.”
 “Wat is dat?” sei Gawain; “ik wit it wier net.
 Mar is ’t simpel wier wat Jo sizze, myn skuld is it dan.”
 “Dochs ha ’k Jo ferteld fan tútsjen,” sei de tsjeppe doe;
 1490 dêr’t in geunst grif te gripen is, gau dy opeaskje.
 Dat foeget eltse frijhear, dy’t fraaie hofflikheid oefnet.”
 “Leave frou, fuort dêrmei!” sei dy feardige man;
 “want dat doar ik net dwaan; dwerse kneppels bin ’k fij fan.
 Waard ik wegere, ik wie wis mis mei sa’n oanbod.”
- 1495 “ ’k Wit klear,” sei de kreaze frou, “Jo kin neat wegere wurde;
 Jo binn’ taaiernôch om ien te twingen, as Jo wolle,
 as er sa bot is om Jo batsk wat te weegrjen.”
 “Ja, by God!” sei hear Gawain, “goed binn’ Jo wurden,
 mar twang makket tsjinnich it thúsfolk, dêr’t ik by wenje.
 1500 Dat jildt foar eltse jeft, dy’t net jûn wurdt út gollens.
 Ik stean ta Jo beskikking, as Jo beskiede ta tútsjen.
 Jo kinn’ nimme as Jo ’t noasket, neilitte as ’t Jo goedtinkt; der is
 noch spaasje.”
- 1505 De dame hat djip har fljyd
 en tute syn troanje mei graasje.
 Gâns wurden waarden dêr wijd
 oan leafdes lok en tamptaasje.

“Ik woe witte fan Jo, wearde hear,” sei de dame,
“as Jo net rekke of razend wurde, wat de reden is,
1510 wêrom Jo, dy’t sa jong fan jierren en dapper no binne,
rju hofflik en ridderlik, sa’t Jo rûnom bekend binn’ -
Fan hiel de hofridderskip is it heechste te priiizen
it lojale leafdespul, de leare fan it wapenfolk.
Om te sprekken fan dit spul fan de suvere ridders:
1515 de titel en de tekst fan ’t totaal fan har wurken is
hoe’t lju foar har wiere leaf har libben aventoere ha,
smertlike stûnen trochstien ha om har leaf en
letter har manhaftich holden en har hertsear útwierre ha
en blidens yn har boudoir brocht troch eigen trêften. -
1520 No binn’ Jo as de nommelste ridder ferneamd yn Jo tiid;
Jo achting en eare binne oeral bekend.
En no sit ik by Josels hjir sa al twa kear;
dochs haw ik nea út Jo holle heind in wurd,
dat de leafde oanbelanget, noch in lyts noch in grut wurd.
1525 En Jo, sa kwier en bekwaam yn ’t ûnthjit fan Jo tsjinsten,
Jo hearre jerne in jong ding te lieden
en te learen guon lessen fan leafdeskeunst.
Deale! binne Jo sa dom, Jo dy’t dochs alle eare genietsje?
Of achtsje Jo my te ûnnoazel nei Jo ûnderrjocht te harkjen?
1530 Wel, fij!
Ik kom hjir allinn’ en begear,
dat Jo in spul leare oan mij.
En fier fan hûs is myn hear;
dus ûnderwiis mei Jo witnis mij frij.

- 1535 “By myn goede trou,” sei Gawain, “mei God it Jo leanje!”
 Bjuster is myn blidens en ûnbidich myn wille,
 dat ien sa weardich as Jo willich is hjir te kommen
 en soarch hat foar sa'n earme swel; it spul mei Jo ridder
 mei alderlei leavens dat leveret my nocht.
- 1540 Mar de noed op my nimme nommle leafde út te lizzen,
 kommentaar op de tema's en teltsjes fan ridders te jaan
 oan Jo, yn dy keunst bekwamer, wit ik klear,
 ja, de helte wol mear as hûndert fan sokken
 as ik bin, of ea komt, as op ierde ik jit libje,
- 1545 't wie in dûbele dwaasheid, madame, op myn wurd!
 Jo wil en Jo winks wol ik dwaan sa goed as ik kin,
 want dêrta bin 'k hâlden troch hege plicht. Altyd wol ik
 wêze Jo helpfeint, sa wier de Heare my hoedzje mei!”
 Sa ûnderfrege 'm de frouwe en faken hifke hja him
- 1550 om him op frijen te fergjen of wat hja fierder betocht hie.
 Mar syn ferwar wie sa fraai, dat gjin fout wie te finen,
 ek gjin kwea oan hokker kant, mar klear wille wie
 har bú.
- Hja laken lang, djoeiden sa skoan.
 1555 Op it lêst joech hja him in tút.
 Doe sei hja him hoflik: “Goemoarn!”
 en gong hja har gong derút.

- Hy riisde út 'e rêst en rûn nei de misse;
doe waard har moarnsmiel makke en moai optsjinne.
- 1560 Gawain wie derten mei de dames hiel de dei.
Mar de stinshear fan dy streken stode faak en fier en
siet syn ûnsillich swyn nei, dat strûsd' oer de skeanten
en by de bêste brakken de rêch biet útien,
dêr't er stie ta ferset, oant de sjitters it brieken
- 1565 en, syn toskten ta spyt, him twongen te tsjen nei 't iepen fjild,
sa folle flitsen fleagen der, doe't it folk fergarre wie.
Dochs twong er bytiden de taaisten te wykjen,
oant er sa wurch wie op 't lêst, dat er wier net mear drave koe.
Mar sa rap as er noch rinne koe, berikt' er in hoale
- 1570 yn in rigge by in rots, dêr't de rivier út rûn.
De rêch te skoar tsjin de skeante, begûn er te skraabjen.
Skriklik skeat út syn bek it skûm by de tsjeaken;
hy wette syn wite toskten. Wurch fan him wienen doe
alle moedige manlju, dy't mêd om him stienen,
- 1575 wurch fan 't narjen fan fierren, mar neier doarst nimmen komme
út noed.
- Hy hie sa'n soad al skansearre,
dat eltsenien achte it tsjoed
en wurd wer troch toskten tamptearre
- 1580 fan in dier, dat dûm wie yn 't bloed.

63

Doe kaam hastich de hear sels; hy hyste syn hynder oan,
 en seach it swyn stean, besingele fan syn mannen.
 Linich ljepte er del en liet syn hynder benefter,
 loek in skitterjend swurd en stoer stoep er foarút,
 1585 en fleach fluch troch de furd, dêr't it fûle dier wachte.
 It wyld dier waard gewaar de wapene man;
 it hier stie heech oerein en sa heftich pûste de baarch,
 dat folle frezen foar de man: oerfoel him it slimste?
 It swyn skeat foarút en spatte lyk op de man ôf,
 1590 dat de banjer en de baarch wienen beiden oerheap
 yn it wâljende wetter. It wyld moast krimp jaan,
 want de man hie goed mikt, sa gau as hja metten.
 Hy sette stevich it skerp op 'e strôte fan 't bist;
 oant it hanfet havene er him, dat it hert respjalte.
 1595 Jankend joech it bist belies en jompte yn 't wetter
 meiien.
 Wol hûndert hûnen gewant
 dy bieten him oant op it bien.
 Mannen klauden him oan 'e kant,
 1600 dêr't de hûnen de dea him dien'.

- Doe skalde út sketterjende hoarnen de skelle triomf.
Lûdroftich raasden en rôpen de ridders.
De brakken blaften tsjin 't bist op gebod fan de bazen,
dy't fan dy drege driuwjacht de dapperste jagers wienen.
- 1605 Doe wie dêr in wâldman, yn 't wyldsjitte betûft,
dy't kundich de baarch iepenkurve en keepte.
Earst houd' er de kop ôf, dy't er heech op in staak stiek;
doe reepte er rûch oer de rêch him iepen
en raamde de yntaast derút, dy't er roastre op gleone koallen;
- 1610 mei brokken brea joech er 't syn brakken ta lean.
Dêrnei fik' er it fleis yn fijne, brede lappen
en de ytbere yntaast hell' er út, sa't it heart.
Dochs hecht' er de helten hielendal gear;
oan in sterke staak string' er se grutsk.
- 1615 No swonken hja mei dit swyn nei hûs ta.
De heislike kop waard heech foar de hear út droegen,
dy't yn de furd him deade hie mei foarse fûst
fol twang.
- 1620 Oant er Gawain wer seach yn 't slot,
foel him de tocht tige lang.
Hy rôp en de ridder kaam fuort
wer om syn lean ta ûntfang.

- Lûd makke de lânshear leven en lake fleurich,
doe't er syn gast seach en mei plesier spriek er.
- 1625 De hofdames waarden helle en de húshâlding fergearre.
Hy toande har 't treflik fleis en bearde tige fan de gruttens
en de langte fan de lapen; allyksa fan de fûlens
fan de wraksling mei 't wyld swyn, dat it wâld troch flechte.
De oare ridder romme ryklik syn dieden
- 1630 en prize it as poerbêst wat er presteard hie,
want sa'n bulte bargefleis, sei de banjer sa dryst,
en sokke siden fan in swyn hie er nea earder sjoen.
Doe krigen hja dy knaap fan in kop; de keine man prize 'm
en geide fan grize, om syn gasthear te earjen.
- 1635 "No, Gawain," sei dy goede man, "dit grut wyld is Jowes,
neffens kreas en krêftich akkoart, sa't Jo krekt witte."
"Dat is wier," wie Gawain syn wurd, "like wis is ek:
al wat ik win wurdt Jo werjûn, op myn wurd fan trou!"
Hy hong de hear om de hals en hofflik patte er him,
- 1640 en fuort tsjinn' er him fan 't selde op 't stee.
"No binne wy lyk," sei er laitsjend, "lykhâldend fannejûn.
Yn 't akkoart dat wy keazen sûnt myn komst, is sa
de wet."
"By Sint Gilles!" sei de gasthear kwyk,
1645 "in knapper man ken ik net!
Jo binne mei gauwens ryk,
ha Jo mear sokke saken yn 't fet."

Doe skikten hja skoandere tafels op skammels;
dêrop leine hja lekkens, en ljocht waard doe klear
1650 wekke by de wanden, want waaksene toartsen
waarden set yn 'e seal ta strieljende tsjinst rûnom.
Gâns fleurgens en flottens flammen op yn 'e seale
op 'e fier by it fjoer, en op folderlei wize
by 't nachtmiel en dêrnei: gâns nommele sangen,
1655 lykas lieten fan Krysttyd en lieten by 't dûnsjen
mei alle manearlike wille, dy't men mar neame kin.
En aloan siet ús earsume ealman njonken de dame.
Hja makke tsjin de man sokke moaie maneuveld,
loaitsen slûchslim en stikem, om dy stoere te lokjen,
1660 dat er alhiel ferheard wie en yn 't hert lilk op himsels.
Mar om syn opfieding woed er net ûnfoech har ôfwize;
hy hold him hoflik foar har oer, hoe't ek it hiele spul
betearde.
En nei it plesier yn de seale,
1665 sa lang harren wille 't begearde,
bea de hear nei syn keamer dy eale,
en hja rûnen nei wêr't it fjoer reade.

- Doe dronken hja dêre en derten woe de hear
 fannijs deselde noaten neontsje op Aldjiersjûn.
- 1670 Mar de ridder rôp om ferlof te riden de oare moarns,
 want neffens de ôfspraak wie it néi oan de tiid.
 Lykwols, de hear woe 't belette en langer him hâlde,
 en sei: "Ik swar as earlik man en fersikerje dy:
 do komst prompt by de Griene Kapel om dyn putsje te dwaan
- 1675 yn 'e dage fan Nijjiersdei, dus noch fier foar de moarn.
 Dêrom: bliuw op dyn bêd en nim braaf dyn gemak.
 Ik sil wyldjeie yn 't wâld, oan ús wetten my hâlde:
 mei dy wikselje wat ik wûn ha, wannear ik werom kom.
 Want twaris haw ik dy toetst en betrouber befûn.
- 1680 "Tredde goai tûkste goai," betink dat moarnier,
 Lit ús wille meitsje wylst it kin en ús wijje oan nocht,
 want wee kin men winne wannear men mar wol."
 Gau waard it goedkard en Gawain bleau langer.
 Bliid brocht men har drank en op bêd gongen hja
- 1685 by in ljacht.
 Hear Gawain sliepte en lei
 kalm en noflik de hiele nacht.
 De hear hold him by syn karwei;
 hiel ier wied er ree foar de jacht.

- 1690 Nei de misse namen syn mannen en hy mar in mûlfol.
Moai wie de moarn, doe't er moanne: "Bring my it hynder!"
Alle hearen dy't op 't hynder him hecht folgje moasten,
dy ruters stienen ree ta de rit foar de stinspoarte.
Tige fraai wie it fjild, want de froast hie 't beripe.
- 1695 Oer rafflige wolken riisde yn readens de sinne,
dy't klear de kloften kjimd' oan de himel.
Lustich lieten hja de hûnen los by de seam fan in bosk.
De rotsen rôpen weròm by 't geraas fan har hoarnen.
Guon bespeurden it spoar fan de spits wachtsjende foks,
- 1700 tippelen faak troch en tebek nei de trant fan har listen.
In sneuper snaude lûd; doe snetteren de jagers;
syn felle maten fleagen nei de fûl snuvende hûn ta,
rûnen yn rûzige kliber rjocht op it spoar ôf.
De foks flitste foar har út; gau fûnen him de hûnen,
- 1705 en doe't hja him seagen, stoden hja him snjiddich efternei
en ferklapten him klear mei in kabaal fan woede.
Koart kriemd' er en kearde troch kervjend kreil hinne,
gloep hastich yn in heak en harke hiel faak by in hage.
Op it lêst by in lytse sleat ljept' er oer in toarnhage
- 1710 en sloep hiel stikem fuort besiden strewellen.
Hy waand 'm it wâld út, ûntwynd oan 'e hûnen troch snoadens.
Sa wied er, ear't er it wist, by in wache wachtpost kommen.
Dêr taastten him tagelyk oan yn ien raam trije fan 't fûl
griis skaai.
- 1715 Wer swonk er, rap as in rôt,
 en sprong steech yn oare wei.
 Mei alle wee fan de wrâld
 gong er wer nei it wâld op wei.

- Nei de hûnen te harkjen wie in hearliken lust,
 1720 doe't hiel de meute him mette, yn mannichte fergearre.
 By dat sicht setten hja sok in flok op syn kop,
 oft de kloften fan kliffen delklettren yn pún.
 "Huila!" skreauden de hearen, doe't hja hommels him troffen.
 Grym waard er groete mei grauwen en snauwen.
 1725 Dryst waard er bedrige en "Dief!" faken skolden,
 en aloan dy steurders efter syn sturt, dat stadich koed er net.
 Faak raamden dy nei him, as er rûtste nei de romte;
 faak sloep er wer 't wâld yn, sa slûchslim wie Reinhard.
 Ja, hy hold de hear en syn hof oan it lyntsje
 1730 op dy manier, dêr njonken de bergen oant nei de middei,
 wylst yn sûnens de sierlike ridder sliepte yn 't slot
 efter de kreaze kleden op dy kâlde moarn.
 Lykwols de dame liet út leafde harsels net sliepe,
 noch it foarnimmen farre, dat fêst yn har hert wie,
 1735 mar hja riisde rap oerein en rûn nei syn keamer
 yn in moaie mantel, dy't meat oant de grûn
 en fraai omfieme wie mei fel fan suver bûnt.
 Gjin krâns op har krollen as de kundich snienejewielen,
 yn trossen fan tweintich twynd yn har hiernet.
 1740 Har hearlik gesicht en har hals alhiel neaken,
 har boarst foare bleat en boppedien har rêch.
 Hja kaam yn de keamer, kalm sleat hja de doar,
 fierde in finster iepen en fuort wakke hja de man.
 Gau begekke hja him, mar mei graasje en fleurich
 1745 fan toan:
 "Och man, datsto noch sliepst
 op sok in moaie moarn!"
 Hy dûz' yn in donker djipt;
 dochs heard' er har roppen skoan.

- 1750 Yn it djip donker fan dreamen drôge preuvljend de ealman,
as in man dy't muoilik is troch mannich tryste tins,
dat dy deis him tadield wurde soe syn needlot
by de Griene Kapelle, as er dy grutte man moete
en syn nekslach ferneare moast sûnder neier ferwar.
- 1755 Mar doe't dy kreaze kaam, krig' er syn kleare besef wer,
dûkte op út 'e dream en daliks antwurde hy.
De leaflike dame kaam leidich mei in laits sa swiet,
sonk oer syn sierlik gesicht en swierich tute hja him.
Weardich sei er har wolkom mei in wûndere graasje.
- 1760 Hy seach har sa prûs en sa prachtich klaaid,
sa folslein fan stal en sa smetleas fan skouwing,
dat wille wâle op en waarme syn hert.
Mei smûk en smout laitsjen stoarten hja har yn 'e fleur.
't Wie blidens en blanke freugd al wat barde mank harren,
- 1765 en nocht.
Harren wurden wienen goed
en fol fan will' en ljocht.
Harren drige grutte need,
hie Marij oan har ridder net tocht.

- 1770 Want dy prûze prinsesse preste him sa slim,
 kaam sa nuodlik him nei, dat fan need moast er no
 òf har leafde leanje òf misledigjend wegerje.
 Hy soarge oer syn fatsoen: ûnbeskoft woed er net wêze -
 jit slimmer oer syn skande, as er sûndigje soe
- 1775 en fersaakje de slothear, de besitter fan 't hûs.
 "God mei 't meitsje!" sei de man, "dat mei net barre!"
 Mei in leaflike laits liet er licht by him lâns gean
 al dy wûndere wurden, dy't wâlen út har mûle.
 De tsjeppe frou sei tsjin de tsjinnige hear: "Jo fertsjinje lekjen,
- 1780 as Jo net leavje de lea, dêr't Jo nêst lizze,
 want mear as wá frou yn 'e wrâld is hja wûne yn 't hert.
 Of ha Jo faaks in frijster, in faam dy't Jo better befalt,
 en trou sward oan dy trut en sa tige Jo oan har bûn,
 dat Jo leaver net los dêrfan wolle; dat leau ik nammers.
- 1785 Ik smEEK Jo: sis my dêryn de suvere wierheid.
 By alle hilligen! hâld net ferhoalen de wierheid troch list!"
 sei hja.
 De ridder sei: "By Sint Jan!"
 en lake har leaflik ta.
- 1790 "In faam wit ik wier net fan,
 en sil ik ek net gau ha."

- “Dat is in antwurd,” sei de oare, “dat alderslimst is,
mar ik ha antwurd yndied, ek al docht it my sear.
Tútsje, hear, my no hofflik, dan gean ik hastich hjirwei.
1795 Ik kin inkeld treurje myn tiid, as wa’t tige leafhat.”
Suchtsjend swong hja foardel en sierlik tute hja him.
Doe, skiedend fan him, bleau hja stean en hja sei him:
“No skat, doch by it skieden my dit plesier dochs:
wol my wat as Jo jeft jaan, al wie it Jo want mar,
1800 dat ik trou oan Jo tink, om myn fertriet te fersêftsjen.”
“Wiswier,” wie syn antwurd, “ik woe dat ik hjir hie
foar Jo leafde it leafste wat ik yn it lân besit.
Want sûnder twivel ha Jo fertsjinne al tige faken
mei rjocht in riker presint as dat ik Jo rikke kin.
1805 As leafdeblyk kin ’k inkeld Jo langje wat Jo lytse baat jout.
It heart net by Jo hege eare opheden t’ ûnfangen,
as oantinken oan my, ien inkle want as presint.
Ik bin hjir foar in opdracht yn in ûnbekend lân,
en ha gjin mannen mei mânske tassen fol moaie dingen
1810 op it momint, Madame; it muoit my om Jo leafde.
Elke man moat dwaan nei fermogen; nim my minlik net kwea,”
sei hy.
“Nee, hear fan hege steat,”
sei dy leaflik’ ûnder linnen frij;
1815 Al krij ik fan Jo neat,
Jo moatt’ in presint ha fan mij.”

- Hja bea him in bjustere ring fan blinkend goud smeid,
 mei in stien as in stjer, dy't striele dêrboppe
 en brille en blonk as de blanke sinne.
- 1820 Wit wol, dat er wurdich wie in geweldige priis!
 Mar Gawain wegere him en wis sei er daliks:
 "Mefrou, ik besit fan mysels gjin presinten opheden;
 ik ha no Jo neat te bieden; dat neat nim ik oan."
 Hja bea him hiel bot oan, mar hy bleau har bod wegerjen,
- 1825 en swarde wier op syn wurd, hy woe him net oannimme.
 Hja hie spyt dat er steech weegre, doe sei hja dêrta:
 "Karre Jo myn kreaze ring ôf, omt dy te kostber Jo liket,
 en wolle Jo net sa bot bûn wêze oan my;
 dan gun ik Jo myn gurdle, dy't grif Jo fan nut is."
- 1830 Rap ritste hja los de riem dy't omringe har mul;
 knotte om har koarte rok ûnder har kreaze jûpe.
 Gearstald wie er fan griene side en mei goud bestikt;
 skien oan de seamen borduerd en sierd mei goudene hingens.
 Dy bân bea hja him oan en bliid fersocht hja,
- 1835 al wie 't ding fan gjin wearde, oft er 't wol oannimme woe.
 Hy sei: "Nee!"; hy woe nea, út noch yn net oannimme
 goud of grutte skat, ear't God him de geunst joech
 te foltôgjen de taak, dy't er tawijd wie.
 "Dêrom freegje ik Jo: fal hjiroer net.
- 1840 Staak Jo stykjen, want ik stean it Jo nea ta, my te
 belêzen.
 Ik stean swier by Jo yn it kryt
 troch Jo minlik, manearlik wêzen
 en ha altyd by swart en by wyt
 1845 Jo trouwe tsjintfeint te wêzen."

- “Jo slaan dit presint ôf,” sei de dame doe,
“omt it sa skeamel is op himsels? Sa skynt it yndied wol.
Sjoch, hoe lyts as it is en lytser jit is it yn wearde.
Mar al wa't de eigenskip ken dy't yn 'e bân befrissle is,
1850 sil wierskynlik him skatte op skoan heger wearde.
Want wa't goed gurde is mei dizze griene riem
en hibbich om 'e lea hechte him hâldt,
kin fan gjin hear ûnder de himel tehoud ea wurde.
Hy kin net troch knepen tekniesd ta de dea.”
1855 Doe berette 'm de ridder en riisde yn him 't idee,
yn 't gefaar fan syn fûnis koe er folle wearde foar him hawwe,
as er kaam by de kappelle om te krijen syn klap.
Koed er ûntkomme de dea, in kostelik middel wie 't dan.
Doe duld' er har driuwen en ferduorre har sprekken.
1860 En hja boarnde him de bân ta en bea tige bot oan,
en hy joech ta, en hja joech him jerne oer.
Om harsels smeke hja him, it sieraad nea te toanen,
mar ferhoalen te hâlden foar har hear. Doe ûnthiet Gawain
dat wis nimmen te wrâld derfan witte soe as hja twaën,
1865 oars net.
Hy tanke har tige foar d' ear,
kontint fan geast en fan hert.
En doe foar de tredde kear
tute hja de ridder beret.

- 1870 Doe sei hja goendei en dêr liet hja him efter,
 want mear nocht fan dy nomme koe hja net krije.
 Hja gong hinne en hear Gawain makke hastich him ree,
 kaam oerein en klaaide him yn kreaze klean,
 lei wei it leafdesteken, dat de liepe dame him jûn hie
- 1875 en fertroppe it trou om yn de takomst it te finen.
 Prompt nei de kapelle pandre er doe,
 prate persoanlik mei in pryster en preste him earbiedich
 syn libben te ferljochtsjen en him te learen
 by it stjerren syn siel foar de sillichheid te rêden.
- 1880 Skjin bycht' er syn siel en syn sûnden lei er bleat,
 de nuodlike en de nearzige, en om genede smek' er
 en frege de fromme man him frijspraak te skinken.
 Siker skonk dy absolúsje en suvere him sa skjîn,
 as soe doem en oardiel d' oare deis komme.
- 1885 Dêrnei makk' er sa'n fermeits mank de nommele dames
 yn swierige swingdûnsen en alle soarten fan wille
 as nea foar dy dei oant de donkere nacht; sa fleurich
 en fris.
- 1890 En elk achtenearre him bêst
 en romme de ridder: "Foarwis,
 så fleurich hat er nea west,
 sûnt er hjir oankommen is."

- Lit him no bliuwe yn dy boarch; mei him barre it lok!
De lustige hear is yn 't lân jit en liedt dêr syn mannen.
- 1895 Hy hat fongen de foks, dy't er folge sa lang,
doe't er sprong oer in stikelhage om de skelm te bespeuren.
Dy hearde de hûnen dy't heftich him bejagen.
Reinhard kaam rimpen út it rûch strewel spatten
en al it rosomos rûtste yn in raam him fuort nei.
- 1900 Doe't er 't wylde gewaar waard, wie de man wach:
skuorde 't swurd út 'e skie en swong it nei 't bist.
Dat skrok fan it skerp en skril soe it tebek,
mar in hûn skeat hastich ta, wie him hânsum te glêd ôf.
En flak foar it hynder foel de felle kloft oan
- 1905 en gnaude de glûpert yn in grousom trelit.
De hear sprong fan 't hynder; handich griep er de foks
en snipte him snjiddich út 'e skomjende bekken,
hold him heech oer de holle en: "Joechhei!" rôp er lûd,
en doe blaften en baltten gâns brakken him oan.
- 1910 Hastich draafden dêrhinne gâns hoarnblazende jagers,
aloan skallend: "Sammelje!" oant hja seagen har lieder.
Sa gau't him samle hie syn selskip fan eallju,
boarste elts dy't in bugel hie, út en blies tagelyk,
wylst elts dy't gjin hoarn hie "Joechhei" en "Hoera!" rôp.
- 1915 't Wien' de lustichste lûden dy't de lju ea heard hienen,
it ryk rumoer dat der riisde foar Reinhard syn siele
sa lûd.
Hja beleannen har hûnen hiel skoan,
strieken en streaken har oer de tût.
- 1920 Doe pakten hja Reinhard rûch oan
en strûpten ôf hiel syn hûd.

- En no op nei hûs, want benei wie it nacht.
 Stoer lieten hja skalle har sterke hoarnen.
 Op it lêst stoep de lânhear by syn leaf hûs ôf.
- 1925 Hy fûn in fjoer yn 'e seal; de froede man der besiden,
 de goede hear Gawain, dy't gâns bliid wie.
 By de froulju fol nocht hied er fleur by de rûs.
 Hy droech in kreas blau klaad, dat kaam oant de grûn.
 Syn siden oerklaad, mei sêft bûnt ôfset, stie him goed,
- 1930 in kape fan deselde kleur beklaaide syn skouders.
 Beide wienen mei bûnt sierd, dat blank wie as seeskom.
 Hy moete de man midden op de fier
 en groete Gawain fleurich en mei graasje sei er him:
 "Ik sil no earst ús oerienkomst ferfolje,
- 1935 sletten ta baat fan ús beiden, wêrby wy de drank net sparren."
 Gawain treau him tsjin de ridder en tute him trijeris,
 sa smaaklik en stevich as er se skinke koe.
 "By Kristus!" sei de oare keardel, "Jo krigen gâns lok
 by 't krijen fan dy keapwaar, as Jo se goedkeap ynkocht ha."
- 1940 "De priis is gjin punt," sei prompt doe de oar,
 want d' oankeap dy't ik dien ha, is dúdlik betelle."
 "By Mem Marij!" sei d' oare man, "mines is minder wurdich.
 Want de hiele dei ha 'k jage, en ha my neat oars wûn
 as dit flarderich foksefel - it profyt is foar Hantsje!
- 1945 Dat is skeamel, skiterich jild foar sokke skatten fan dingen
 as dy't Jo my tatreau ha: dy trije tuten,
 sa'n tresoar."
 Gawain sei: "Genôch is it, maat.
 By it Krús! myn tank dêrfoar."
- 1950 En hoe't de foks deade waard,
 fertelde de hear oan de oar.

- Mei fermeits en muzyk, mei in miel nei har sin
hien' hja weelde fan wille as wá ek mar ha kin.
Mei 't laitsjen fan de leave dames en luftich gekjen
1955 hien' Gawain en syn gasthear grutte nocht beide,
net oars as wie 't selskip sljocht of slim dronken.
Sawol de hear as syn húshâlding hien' heappen fan grappen
oant de stûne en it stuit kaam, dat hja skiede moasten;
de mannen moasten sûnder mis op bêd op it lêst.
1960 Gawain naam fan syn gasthear mei graasje earst ôfskie;
de nommle wie needrich, nolke tanke er him:
"Foar sok in bysûndere soarch as 'k hjir hân ha,
foar Jo huld' op dit heech feest mei de Heare Jo leanje!
Ik jou my oan Jo, as 't Jo sin is, foar ien fan Jo mannen,
1965 want ik moat nedich moarnier op myn wei, sa't Jo witte.
Jou my dus in man om mei my, sa't Jo ûnthieten,
te gean nei de griene kapel, as God it my gunt,
om dat lot dêr't ik ta doemd bin, op Nijjiersdei t' ûndergean."
"By myn goede trou," sei de gasthear, "fan goede wil bin ik
1970 my oan al wat ik ûnthiet, earlik te hâlden."
Doe foeg' er him in feint ta om him te fieren op 'e wei en
sûnder lijen of lêst te lieden bylâns de hichten,
te gean troch it grut bosk en 't gaadlikst paad te riden
troch 't wâld.
1975 Gawain tanke syn gasthear gol
foar dy geunst him gund yn syn lot.
Doe sei de ridder farwol
de nommele dames fan 't slot.

- Fan fertriet en fan tuten wie 't petear mei har fol;
 1980 party kearen preste er har, syn protte tank oan te nimmen.
 En hja joegen him jerne dy jeft fuort werom
 en mei tige tryste suchten betrouden hja him ta oan Kristus.
 Fan de húshâlding naam er hofflik en hertlik doe ôfskie.
 Eltse tsjinner dy't er trof, betanke er tige
 1985 foar it minlik gemak en de muoite fan soarch,
 troch elts op 'e noed nomd om him noflik te tsjinjen.
 't Foel elts smertlik en swier te skieden fan him,
 as hien' hja altyd yn eare mei dy ealman al libbe.
 Troch lju mei ljocht waard er laat nei syn keamer
 1990 en bliid brocht nei syn bêd om te barren syn rêst.
 Mar oft er swiet dêr sliepte, sil en doar ik net sizze,
 want hy miende, der moast de moarns om mannich
 ding tocht.
- Lit him dêr lizze no stil,
 1995 sa nei by wat er socht.
 Binn' jim in set no stil,
 dan sis ik jim wat men wrocht.

Fjirde Sang

80

- No wie 't Nije jier nei, en de nacht gyng foarby,
de dage ferdreau it donker, sa't de Hear dat gebiedt.
- 2000 Mar wyld waar fan de wrâld waard wekker dêrbûten.
Wolken wurpen wreed de winige kjeld oer de ierde
mei njoere need út it noarden, dy't de neakenen teistre.
De snie snjittre skrousk en wie sneedsk foar it wyld;
de gierende gûlwyn gysle del fan de hichten
- 2005 en dreau eltse delling fol dunen fan snie.
Skerp harke de hear, dy't dêr heech op syn bêd lei.
Al loek er syn lidden ta, mar in lyts bytsje sliept' er;
by elk kraaien fan de hoanne kaam him d' ôfspraak yn 't sin.
Gau gong er oerein, ear't de grille dei oanbriek,
- 2010 want it ljocht fan in lampe lôge op yn syn keamer.
Hy freg' om syn feint, dy't fuort him andre.
Hy hiet him, syn harnas en hynsteseal te bringen.
De feint fottle fuort en fette 'm syn rissing
en liet glânzje hear Gawain op grutte wize.
- 2015 Earst klaaid' er him yn 'e klean om de kjeld ôf te warren;
doe alhiel yn syn harnas, dat hoede wie mei soarch,
syn pânser en platen, poetst tige skjin.
De ringen fan syn harnas wie de rust ôf rôle.
Alles wie glânzich as yn 't begjin en graach wied er ree
- 2020 ta tank.
No naam er elts ûnderdiel oan,
glêd wreun en briljend en blank.
De kwierichste keardel fan 't lân
gebea: "Bring myn hynst, fluch en rank!"

- 2025 Wilens wynd' er it weeldrichste klaad om him hinne,
 syn klaad mei it kenteken fan it kleare symboal,
 ta sier set op flewiël, mei stiennen sa kostber
 rûnom set op 't blazoen, de seamen borduerd,
 en fan binnen mei bûnt yn blanke pracht fuorre.
- 2030 Dochs fergeat er de gurdle net, dy't de gastfrou him jûn hie.
 Dy fergeat Gawain net, om it grut belang foar himsels.
 Doe't er syn swurd swongen hie om 'e swiere heupen,
 drapeard' er it doek no dûbel om 'e lea.
 Fluch flijde de ridder fraai om 'e mul
- 2035 de gurdle fan griene side, glânzjend yn gloarje
 op it keninklik read klaad, sa kein om te sjen.
 Mar Gawain droech de gurdle nèt om de grutte wearde,
 noch omt er grutsk wie op 'e glierjende hingers, al glânzen dy ek
 en al glom it glinsterjend goud oan 'e einen,
- 2040 mar om himsels te beskermjen, as er smert lije moast,
 sûnder ferset sels de dea; tsjin swurd of dolk him hoedzje koe net
 sa keal.
- Doe't dizze man sa moedich,
 útrist rûn út 'e seal,
- 2045 betank' er rju oerfloedich
 de hiele húshâlding eal.

Gringolet, syn guds stie ree, it grut en geweldich hynder.

It hie stalle west nei syn smaak en op sekuere wize.

Fiks en feardich woed er fjouwerje, dat ynfieren hynder.

2050 Gawain gong op him ta en begûke syn hûd

en sei steatlik en swarde by syn suvere trou:

“Yn dizze stins is in selskip mei soarch foar fatsoen.

De man dy't har master is, mei blidens hawwe,

en mei de leave dame libbenslang leafd' ûnderfine!

2055 As hja yn har goedens in gast gol ûntfang' en

har hert en hannen gastfrij binn', mei de Heare har leanje,

Dy't de himel omhegen beheart, en jim allegear ek!

En as ik myn libben wat langer liede mocht op ierde,

dan joech ik jim jerne jim lean, as ik koe.”

2060 Doe stoep er yn 'e stegel en stiegde yn it seal.

Syn skyldfeint brocht syn skyld, dat oer 't skouder hy swong.

Hy hyste de hynst oan mei de hakken fan goud.

Dy sprong op 'e stiennen en stegere langer

net mear.

2065 Syn hear op it hynder rôp: “Fuort!”

Feint hie syn helm en syn spear.

De boarch betroud' er oan God

en winske har lok jimmermear.

- De brêge waard fan boppen lutsen en de brede poarte
 2070 ûntskoattle en iepenteard oan iedere side.
 De kriichsman bekrúske 'm en klepperjend oer de planken
 priz' er de poarteman, dy't foar de prins knibble, en
 God bea, Gawain te hoedzjen en 'Goendei' him tawinske.
 Doe sett' er útein mei as selskip mar ien man
 2075 om te wizen de wei nei dy writende oarde,
 dêr't er de smertlike slach siker ûntfange moast.
 Hja skrepten oer skeanten, skier fan de keale tûken;
 hja klommen oer kliffen, dêr't kjeld har omklamme.
 De wolken hongen heech, mar heislik like 't dêrûnder:
 2080 dize lei damp oer de heide en dripke op 'e klingen.
 Elke heuvel hie in hoed: in hiele grutte mistkape.
 Beken buorlen en brúsdn bril by de skeanten;
 brieken blinkend op 'e iggen, wylst hja batsten nei ûndren.
 Wakker wyld wie de wei, dy't troch 't wâld hja gean moasten,
 2085 oant aanstûns it stuit kaam, dat de sinne opgong
 dy dei.
 Hja wien' op in heuvel omhegen,
 wylst de snie besiden har lei.
 De feint dy't neist him ried, frege
 2090 syn master te skoftsjen hjirnei.

- “Want ik ha Jo hjirhinne, hear, brocht op dit stuit,
en no binn’ Jo net fier fan ’t ferneamde plak,
dêr’t Jo sa bysûnder om socht en om speurd ha.
Ik sis wis Jo de wierheid, want ik ken Jo;
2095 Jo binn’ immen op ierde, dy’t ik echt lije mei.
Wurkje nei myn wize rie, dat wierret Jo ten bêsten.
It gea dêr’t Jo hinnegean, wurdt gâns gefaarlik achte.
Yn dy wyldernis wennet de wreedste man fan de wrâld,
want hy is stoef en stoertsk en slaan docht er graach.
2100 Hy is mânsker as wat man mank de minsken op ierde
en syn stal is sterker as fan de stevichste fjouwer
yn ’t hûs fan Arthur, lykas Hektor, of hokker oar.
Grousum giet er te wurk by de griene kapelle.
Gjin ien giet dat gea troch, hoe grutsk op syn wapens ek,
2105 dy’t hy net de dea docht mei in dûst fan syn hân.
Want dy man ken gjin mjitte of minlike genede:
is it ploeger of pater dy’t de kapel foarbyriidt,
muonts of mispryster of in man fan wat stân ek,
him deadzje liket him like noflik as ’t libben fan himsels.
2110 Dat ik sis Jo, sa siker as Jo sitte yn ’t seal:
dy strider slacht Jo dea, as er syn sin krijt.
Leau my frij, leave man, al mocht it libben Jo tweintich
kear barre.
Hy wennet hjir al mannich jier;
2115 hat nimmen de striid ea besparre.
En tsjin syn slaggen sa swier
kinn’ Jo Jo wier net ferwarre.

Dêrom, goede hear Gawain, lit dy grimmyt wêze;
om Gods wil, gean fuort en in gaadliker wei!

2120 Kear Jo nei in oare krite, dê't Kristus Jo seinje mei.
Ik gean hastich wer nei hûs en ûnthyt Jo fierders,
dat ik swarre sil by God en al Syn sillge hillgen -
sa helpe my God en it hillich Krús, en 't gehiel fan myn eden!
dat ik Jo geheim trou ferhoalen hâld en ferhelje sil nea,

2125 dat Jo ea foarhienen te flechtsjen foar in fint, dy't ik koe."
"Tige tank," sei de trouwe, en mei tsjinsin andre er:
"Wel man, mei 't dy wolgean! do winskest my 't goede,
en datst trou my fertroppest, fertrou ik wol fan dy.
Mar hóé trou do ferhoalen hâldst, dat ik hjir fuortgie,

2130 as yn freze ik flechte, sast my dat foarhâldst,
dan wie 'k in lef en lam ridder, net licht te ûntskuldgjen.
Ik gean nei de Griene Kapelle, wat grande my ek bart.
Ik wol tsjin dy wyldeman de wurden sizze, dy't ik wol,
wurdt it wol of wee, sa't de wil fan it Needlot

2135 it liedt.
Al is 't in knaap mei in kneppel,
dy't dêr as in fjoerfretter stiet,
de Hear kin 't foar tsjinnens sa skeppe,
dat er harren útrêding biedt."

- 2140 D' oare man sei: "By Marij! Jo meitsje skoan dúdlik:
Jo eigen skea woll' Jo stoarte abslút op Josels
en Jo libben ferlieze; ik belet it Jo net.
Hjir is Jo helm foar Jo holle, Jo spear yn Jo hân.
Wel, riid dit rûch paad del, by dy rots lâns dêre,
2145 oant Jo drave yn it djip fan de delling sa wyld.
Loaits dan in lyts bytsje nei lofts oer it lân,
dan sille Jo sjen yn 'e selde delling de kapel
en de mânske man dy't yn 'e miede har bewekket.
No, nommele Gawain, yn Gods namme, farwol!
2150 Foar alle goud yn 'e grûn gean ik net mei Jo;
gjin foet fierder troch dit freeslik wâld hâld ik Jo selskip."
Doe kearde dy keardel syn koers yn it wâld,
hyste 't hynder oan mei de hakken, sa hurd as er koe.
Hy ljepte troch 't lân en liet de ridder dêr efter
2155 allinne.
"By God!" sei Gawain oertsjûge;
"ik wol net skrieme of stinne.
Foar Gods wil wol 'k my bûge;
'k betrou my ta oan syn kinnen."

- 2160 Gau joech er Gringolet de spoaren en gong op wei.
 Oan 'e seamen fan strûken striek er it wâld yn,
 ried troch de rûge râne rjocht nei de delling.
 Doe eage er om him hinne: ienlik wyld like 't gea.
 Hy seach gjin swym fan beskûl besiden him earne;
- 2165 inkeld steile en skerpe skeanten oan beide siden
 en rûge robblige rotsen mei rauwe hompen stien.
 De rotsen rekken de rafflige wolken, tocht him.
 Doe hâldd' er; hy hold syn hynder yn op dat stuit
 en faak sette er 't gesicht oarewei en socht de kapelle.
- 2170 Hy seach neat soks, wêrsanne ek; doe skynde him frjemd
 op in skrale distânsje in soarte fan terp,
 in wier, effen glêd wurke by de wâl fan in wetter;
 de rimpen fal fan in rivier dy't dêr rûn.
 De stream soarre siizjend as wied er oan 't sieden.
- 2175 De hear hyste syn hynst oan; hurd gyng er nei de terp.
 Linich ljepte er del; oan in linebeam bûn er
 mei in toarre tûke de team en syn treflike hoars.
 Doe rept' er him nei de ringterp en rûn der ringsom hinne,
 prakkesearjend en peinzjend wat dit plak wêze koe.
- 2180 It wie iepen oan 'e ein en oan allebeide siden
 en oergroeid mei gers yn geilpôlen rûnom,
 en alhiel hol fan binnen; in âld hoale, neat oars,
 of in kleau yn in klif - hy koe 't net beskiede
 yn wêzen.
- 2185 "Och Hear!" sei de ridder sa swiid,
 "soe dit de kapelle wêze?
 Hjir koe wol om midnachttiid
 de deale syn metten lêze!"

- “Wiswier!” sei er wearzich, “’t is woest hjir en iensum.
2190 Dizze Griene Kapel is grousum, mei gers oergroeid,
en past kreas by dy keardel, klaaid yn it grien,
foar it dwaan fan syn fromme dingen op ’e duvel syn wize.
Yn myn fiif sinnen fiel ik: ’t is de Fijân sels,
dy’t my dreau nei dit doelstee om my hjir te deadzjen.
2195 Dit is in ûnhuere kapel fan ûnk; mei ûnheil har barre;
de fûlst ferflokke tsjerke, dy’t ea ik fromme, ynkaam!”
Mei de helm op ’e holle, yn ’e hân de spear,
rûn er rjocht nei de rots fan dy rûge wente.
Doe heard’ er fan dy hege heuvel, fan in hurde rots
2200 op ’e wâl oer de rivier, in wûnder lûd lawaai.
Hark! it wjerklonk yn it klif, as waard it tekleaud,
as wie ien op in slypstien in seine oan ’t slypjen.
Hark! it raasde en rûsde as rûnwieljend wetter yn ’e mûnier.
Hark! it kraste en krieze kritend mâl om te hearren.
2205 Doe sei Gawain: “By God! ’k leau grif, dat dy rissing
gearfoege wurdt ta groetnis om my, Gawain, te meitsjen
oerstjoer.
Mei Gods wil barre! Och, och!
te roppen jout my gjin stoer.
2210 Al ferlies ik myn libben, doch
bin ik net bang fan rumoer.”

- Doe rôp de ridder rju lûd en klear:
 “Wa is de machtige master dy’t my moetsje soe hjirre?
 No is ’t de goede Gawain dy’t giet hjir neiby.
- 2215 As ien wat winsket of wol, lit him as de wyn by my komme!
 It is no of nimmer; nedich syn dingen te dwaan.”
 “Ho, stop:” sei ien op ’e skeante boppe syn holle,
 “en mei hasten silst ha wat ik ûnthiet dy alear.”
 Dochs gong er gau troch mei dat gieren en gûzjen;
- 2220 hy draaide him ta dat hotsjen, eardat er delkaam.
 Doe klom er by in klif lâns; hy kaam út in hoale
 en skeat út in skûle mei in skriklik wapen:
 in nijmakke Noarske akse om de njoere slach werom te jaan,
 bile mei in ûnbidich blêd, tebekbûgjend nei de stâle.
- 2225 Hy wie fjouwer foet breed en file op in hotte,
 net geringer nêst de gurdle, dy’t glom yn folle pracht.
 De keardel yn it koele grien wie krekt as alear,
 sawol it gesicht as de skonken, de swiere lokken as ’t burd.
 Mar no fleach er fluch mei de fuotten oer de grûn,
- 2230 sette de stâle op ’e stiennen en stoep nêst dy stipe.
 Hy wanle nei ’t wetter, mar woe net dêrtroch wâdzje.
 Hy hipte deroer op syn akse en heechhertich stoep er
 fel en fûl troch in fjild, dat fier wie en fan snie
 sljocht fol.
- 2235 Hjr gong hear Gawain him tsjin;
 hy bûgde net djip foar him dol.
 De oar sei: “By ôfspraken kin
 men oan op dyn trou, sjoch ik wol.”

- De griene man sei: "Gawain, mei God dy hoedzje!
2240 Wiswier, do bist wolkom yn myn went, bêste man.
Hast de tiid foar dyn tocht achtslein, sa't in trou man past,
en do kenst jit it akkoart, dat wy keazen tegearre.
Hjoed foar in jier hast jerne nomd wat dy tafoel,
no op dit Nij jier moat ik nedich flot dy weromjaan.
2245 Yndied binne wy yn dizze oarde alhiel op ússels;
hjin kin gjin stjerling ús skiede, wy stride sa't ús goedit.
Nim dyn helm fan 'e holle en hein no dyn lean.
Bied my net mear blyn ferset as dat ik dy bean ha,
doest mei ien klap my de kop koarte hast."
2250 "Nee," sei Gawain, "by God, dy't myn geast my jûn hat,
ik bin gjin grein grym om de grutte sneed dy't komt.
Mar behein dysels ta ien slach; en ik sil stil stean.
Sit net yn noed sa't dy noasket te dwaan; it let
my neat."
2255 Hy bûgde en niigde de nekke
en toande de hûd alhiel bleat.
Hy bearde, dat gjin bangens him rekke,
en kroep net wei as beneard.

- Redsum riste him ree de ridder yn 't grien.
- 2260 Hy heve syn grousum ark om hear Gawain te ferpletsjen.
 Mei alle krêft yn syn korpus krong er it wapen omheech
 en mikte sa machtich as soed er de man fermoarzelje.
 Wie it deldondre sadanich as hy bedoelde,
 dan hie troch dy droan de dappre held dea west.
- 2265 Mar Gawain gûke sydlings nei de grime akse,
 doe't dy glied nei de grûn om him te fergriemen.
 Mei de skouders skokte er efkes fan it skerp izer wei.
 De oare ridder ritste mei in raam de bile tebek
 en kapittelle de prins mei protteljen út grutskens.
- 2270 Hy sei grym: "Bist net Gawain, dy't foar grut hâlden wurdt,
 dy't nea flechte foar in fijân yn fjild, bosk of delling.
 Mar do flechtest yn frees, foardatsto noch pine fielt.
 Ik ha nea by dy nommle sa'n neazige leffens kend.
 Ik wie, man, doesto mikkest, nea mismloedich of flechte,
- 2275 en hie neat te hottefyljen yn it hûs fan kening Arthur.
 Myn holle fleach nei myn fuotten; dochs flechte ik net.
 Mar do bist al bang, foardatst in bats krigen hast.
 Dêrom moat ik de moedichste man neamd wurde, krij 'k myn
 gerak."
- 2280 Gawain sei: "Ik bin wykt, ja, ien kear,
 mar ik wurd nea wer swak.
 As myn holle falt op 'e stien hjir,
 dan krij 'k him net wer te plak.

- Mar man, meitsje oan; mij net mear de saak.
2285 Diel my myn doellot ta en doch it fuortdaliks,
want ik sil stean dyn slach en skrik net wer tebek,
oant dyn akse op my ynslein hat; op myn earewurd.”
“Krij oan dan!,” sei de oar, en de akse tild’ er heech,
en wjerljochte sa wyld as wied er waansinnich.
- 2290 Hy mikte in machtige slach, mar de man reepte er net,
hy wjerhold hommels de hân, ear’t er him wûne.
Gawain wachte him wach ôf en ferweegde gjin lid,
mar stie stil as in stien of stobbe fan in beam,
dy’t wol hûndert woartels bewuolle hat yn ’e rotsgrûn.
- 2295 Doe begûn de griene man wer gâns fleurich te sizzen:
“No hasto dyn hert hiel en hoef ik mar te slaan.
No hâld de hege kape, dy oerhandge troch Arthur, fansiden,
en let op dyn luchtpiip, oft er it oerlibje kin!”
Fol gleone grime sei doe Gawain grimmitich:
- 2300 “Druk him del, dollen man; do drigest te lang.
Ik hoopje, dat dyn hert huveret yn dy!”
“Ferduld!” sei d’ oare, “sa domdryst praatsto.
No wol ik net langer nei letter dyn boadskip ferskowe noch
in kear.”
- 2305 Hy stie, dat er ree foar de died wie,
reau mûle en foarholle gear.
Gjin wûnder, dat Gawain fertriet hie:
gjin hope op rêding no mear.

Hy heve hânsum syn wapen en hearlik liet er it delkomme
 2310 mei it blêd fan de bile op 'e bleate nekke.

Ek al houd' er ferheftich, hy hat net mear him ferwûne
 as oan ien kant in keep, dy't kurf yn 'e hûd.

It skerp fersonk troch it skinend fet yn it fleis,
 dat it skitterjend bloed oer de skouders skeat nei de ierde.

2315 Doe't no de brave it bloed blinken seach op 'e snie,
 sprong er spinfuotsjend fuort, mear as in spearlangte fier.

Handich fett' er syn helm; op 'e holle keilde er dy;
 skaaide mei skouderskokjen syn skyld nei foaren,
 swaaide syn swide swurd en sei doe ferheftich:

2320 (Nea sûnt er as soan berne waard út syn mem
 hied er yn hiel de wrâld heal sa bliid west)

“Hâld op mei dyn houwen; hear, jou my net mear.

Op dit stee ha 'k in slach sûnder ferset ûntfongen.

Ast jitte mear my joust, jou ik op slach dy werom

2325 en leverje lyk om lyk - leau my! en fûl
 dêrta.

Mar ien slach hjir is myn lot.

't Akkoart bepaalde it sa,

dat wy sleaten yn Arthur syn slot.

2330 Dus hear, no ho mei dyn poeha!”

- De oar gyng op in ôfstân en op syn akse rêste er,
sette de skacht op 'e skeante en op it skerp line hy
en goude nei de gystene, dy't gong oer it gea dêr.
Sâ't dy geduchte, dappere, dryste dêr stie:
- 2335 moai waapne, sa moedich, mocht er 't lije yn syn hert.
Doe spriek er útskroeven mei in sterke stim,
en rôp tsjin de ridder en raasde lûd:
"Fûlekaan, wês net sa fel yn dit fjild fan eare!
Gjin hear hat ûnhofflik dy hjir mishanle
- 2340 of kronken bûten 't akkoart, oan it keningshof ôfptraat.
Ik ûnthiet dy ien slach; dy hast hân; hâld dy goed leanne.
Ik rjochtsje dy frij fan de rest fan al myn oare rjochten.
Hie ik fûl west, faaks hie ik in feech jûn,
in hiel wat hurder hou, dy't dy teheistre hie.
- 2345 Earst drige ik dy mei in dúst út 'e grap.
Ik snie dy mar in smertlape; dy smee't wie myn rjocht
neffens 't akkoart, dat wy keazen dy earste jûns.
Do hast oan dy oerienkomst earlik en trou dy hâlden:
al dyn fortún hast my toand, sâ't in trou man foeget.
- 2350 De twadde kears ha 'k dy kidele krekt foar de oare deis,
doest myn tsjep wiif tutest; dy tuten hast my weromjûn.
Foar dy twa kear tikke ik dy mar twa sabeare tikken,
sûnder bloed.
- In trou man jout trou wer, dat 's wis.
2355 Dy hoeft net te sitten yn noed.
Mar do diest de tredde deis mis;
dêrom hast dy klap krigen hjoed.

- It is myn ding datsto draachst, dy djoere gurdle;
 myn eigen wiif joech dy dat weefsel, wit ik wier.
- 2360 Ik wit wol fan dyn tuten en dyn wize fan dwaan
 en it frijen fan myn frou; ik fûn dat sels út.
 'k Liet hâr dy hifkje; in hear likest my, wiswier;
 ja, de geefste gruthâns, dy't ea gyng op twa fuotten.
 Sa't in pearle in hegere priis as in prom hat,
- 2365 sa is Gawain grutter as oare galante ridders.
 Mar do lietst in lytse stek falle: in lek yn dyn trou hiest.
 Net út falskens kaam 't fuort, út frijerij ek net,
 mar omt dyn libben dy leaf wie; dat ik lekje dy amper.”
 De oare stege man stie yn stúdzje wei in skoft lang,
- 2370 sa oerweldge fan wroeging, dat er weinde yn 't hert.
 Al it bloed út it boarst brûsde him nei 't gesicht;
 hy skromfle fan skamte om de skamper fan d' oare.
 De earste wurden dy't einlings hy utere, wienen:
 “Flok oer leffens en ferliedend begear!
- 2375 Yn jim is skelmskens en smoargens; dy smoare de deugd!”
 Doe raamd' er oan de riem en riet de knotte los;
 grym gysle er de gurdel de Griene man ta:
 “Sjedêr de kweadogger; mei kwea oer him komme!
 Want bangens foar Jo bats brocht my ta it
- 2380 tajaan oan twangbegear, myn natoer te fersaakjen.
 Dy is gollens en geve trou, dy't goed passe by ridders.
 No bin ik fout en falsk; wylst ik fij altyd west ha
 fan troubrek en ûntrou. Dat dy twa fertriet en smert
 barre mei!
- 2385 Ik beken Jo, hjir mei Jo allinne:
 myn dwaan wie alhiel fout en faai.
 Lit my no Jo geunst wer winne.
 Ik nim my te wacht hjirnei.”

D' oare man lake monter en minlik sei er:

2390 “Ik hâld it foar hiele, it hertsear dat 'k hie.

Jo ha Jo konsjinsje no klearre, bekend Jo misset;
fan de byt fan myn bile Jo boete dúdlik hân.

Ik hâld Jo foar suvre fan de sûnde; ja, sa skjin reinge,
as hien' Jo nea sûndge sûnt it stuit fan Jo berte.

2395 Hear, ik gun Jo de gurdle mei de goudene seame,
want hy is grien as myn gala. Hear Gawain, Jo kinne
sa tinke oan ús twakamp, wannear Jo trêdzje
mank pryslike prinsen. 't Is in poerbêst oantinken
oan it aventoer tusken eale ridders by de âlde kapel.

2400 Jo moatte no dit Nij Jier op nij komm' yn myn wente
en de rest fan dit rike feest rinkelroaie wy
fol nocht.”

Doe noege de hear him float
en sei: “Mei myn wiif - ha 'k tocht -

2405 komme Jo wol ta in akkoart,
wylst hja fûl Jo as fijân befocht.”

- “Foar Jo gurdle”, sei Gawain, “mei God Jo leanje!
2430 Dy sil ’k mei blidens brûke, mar net om it bjuster goud,
noch de sier, noch de side, noch de slingerjende belders,
noch om rikens of rom of romroft fakmanskip,
mar as skandeteken fan myn sûnde sil ik him faak sjen!
As ik riid yn rom, sil ’k mei rou en wroeging betinke
2435 myn skuld en de swakkens fan it skeamel flesk,
hoe’t sa simpel it besmodske wurdt mei smetten fan smoargens.
As ik heech my ferhef om myn handichheid yn ’e wapens,
sil it sjen fan dit sûvenier myn siel wol fernederje.
Wurd net nidich as ik no noch ien ding Jo freegje:
2440 Jo binn’ lânshear fan ’t lân, dêr’t ik lokkich toeve ha
yn Jo hûs fan hearlikheid; - de Hear mei Jo leanje,
Dy’t de himel yn stân hâldt en omhegen troanet.
Hoe is Jo echte namme? Mear easkje ik net.”
“Dy sis ik Jo yn suvere wierheid,” sei doe de oare.
2445 Bertilak de Hautdésert hyt ik yn dit lân.
Oer my hat macht Morgan la Fay, dy’t yn myn hûs wennet
dy’t betûft is yn it tsjoenen en tûk yn dy keunst.
Fan master Merlyn hie hja mannich ding leard,
want foarhinne hie hja in hiel djippe leafdesbân
2450 mei dy knappe, bekwame learde, bekend by al jim ridders
dêr thús.
En Morgan de grutte goadinne
is dêrom har namme by ús.
De heechste heechmoedgen dy’t der binne,
2455 makket hja sels nuet en konfús.

- Morgan liet my yn dit mom nei jim blide stins gean
om te hifkjen jim heechmoed, oft de ferhalen wier wienen,
dy't rûngean oer de rom, de grutte rom fan de Rûne Tafel.
Hja stjoerde my yn dit stal om Jo ferstân te roovjen,
2460 om de keninginne te krinken en kwellen ta de dea
troch grize fan dy grouwel, dy't as in geast spriek
mei de holle yn 'e hân foar de hege tafel.
Hja is de âlde dame oan Arthur syn hof.
Hja is ek Jo eigen muoike, Arthur syn healsuster, in dochter
2465 fan de hartochinne fan Tintagel, by wa't letter de treflike
Uther Arthur oansette, no de ealman yn eare.
Dêrom moanje ik Jo, man, nei Jo muoike te gean.
Wês heurich en fleurich yn myn hûs; myn húshâlding mint Jo,
en op myn wurd: ik winskje wol likefolle goeds Jo
2470 as elk oar op ierde, om Jo earfolle trou!"
- Mar Gawain wegere; hy woe it perfoarst net.
Dat hja treauwen en tuten en betrouden elkoar ta
oan de Prins fan it Paradiis, en prompt skaten hja
yn 'e kjeld.
- 2475 Doe gong op Gringolet skien
nei de keningstins de stoere held.
En de ridder yn 't ljochte grien
witwersanne oer 't wite fjild.

- Wylde wegen yn 'e wrâld wynde him no Gawain,
2480 ridend op Gringolet; troch Gods geunst libbe er jitte.
Faak waard er herberg' yn 'e hûs;
[ûnder 't himeltek toev' er ek faak,
en hy wûn ûnderweis yn wrakslingen by de rûs,
dy't ik opheden net yn 't ferhaal tink te ferheljen.
No wie hiele de hou, de yn de hals krigen wûne,
2485 en de glimmende gurdle oer de groede no droech er
skean as in sjerp oer it skouder, oan 'e side fêstbûn.
Under de lofter earm wie de leafdesbân knotte
ta in teken, dat er betrape wie op 'e troeble smet fan in fout.
Sa kaam yn 't keningshof de krigelêre ridder wer feilich.
2490 Wille waard yn dy wente wekker; no wisten de grutlju,
de goede Gawain wie thúskomd; goed nijs, sa tocht harren.
De grutte kening patte Gawain, en Gwiniwier die lyksa,
en gâns oprjochte ridders rûnen ta om him te groetsjen.
Hja tanten him oer syn tocht; hy fertelde frjemde dingen
2495 en belied alle leed en lêst, dy't er hân hie:
de beproeving by de kapel, de pressy fan de griene,
de leafde fan de leidige dame en op 't lêst de gurdle.
Yn 'e neakene nekke liet er no har de sneed sjen,
dy't er fan de ealman oprûn om ûntrou: in smaad foar
2500 syn namme.
Tamptearjen wie 't te fertellen;
hy kroande, troch wroeging beklamme.
't Bloed begûn yn syn antlit te meallen,
doe't er toande de skamp en him skamme.

- 2505 “Sjoch, hear!” sei de held; yn syn hân naam er de gurdle;
 “dit is de bân fan de blaam dy’t ik bûn ha om ’e hals.
 Dit is de skand’ en de skea, dy’t ik my beskikt ha
 troch leffens en lokjend begear, dy’t my ferlaat ha.
 Dit is teken fan ûntrou, der’t ik op betrape bin
 2510 en dit moat ik duorjend drage myn libben lang.
 Ommers, men kin jins kwea wol ferbergje, mar kwytreitsje net,
 want nei’t it ienris neilfêst sit, wol ’t nea wer los.”
 De kening treaste de treflike ridder; tagelyk begûn hiel it hôf
 lûd te laitsjen. En leafdefol besleaten hja
 2515 dat de hearen fan ’t hof, dy’t hearden ta de Tafel
 eltse brave fan de bruorskip in baldrik drage soe,
 skean oer it skouder in sjerp fan skitterjend grien,
 om it foarbyld te folgjen fan de froede Gawain.
 Dat rekkene men as rom fan de Rûne Tafel tenei,
 2520 en elts achte him eare, dy’t altyd dy bân droech,
 lykas bekreaun stiet yn it bêste boek fan ridderskip.
 Sa is yn Arthur syn tiid dit aventoer bard,
 sa’t út ’e Britse boeken blykt as in tsjûgenis.
 Sûnt de dagen dat dappere Brutus him delset hat hjirre,
 2525 sûnt de striid en bestoarming staakt wie te Troje, sûnt
 dat feit
 is sa’n aventoer, fraai of rûch,
 faak foarfallen, ja, planteit.
 Mei Hy dy’t de toarne kroan droech,
 2530 ús bringe ta sillichheid! -Amen.

HONY SOYT QUI MAL PENCE.

NOATEN

- 1-10 De dichter begjint syn ferhaal by Troje, dat troch de Grieken platbarnd waard (2) en folget sa de Romeinske dichter Virgilius nei, by wa't Enéas (5) fan Troje de stifter is fan it Romeinske Ryk en Rómulus (8) de grûnlizzer fan Rome. De man fan it 'gemiene komplot' (3) is miskien Antênor, dy't om syn ferrie berjochte waard. Ferrie yn de sin fan ûntrou en falskens is in wichtich tema.
- 11ff Ticius, fierders ûnbekend, wurdt sjoen as stifter fan Toskane yn Midden Italië. Longobardus is de mytyske stamheit fan de Longobarden of Lombarden yn Lombardije (Noard Italië) Longobardus soe ôfstamje fan Enéas en in neef wêze fan Brutus.
- 13ff De Frânske see neame de Ingelsken 'the English Channel' en wy it Kanaal. Felix (= gelokkige) Brutus wie in oerpakesizzer fan Enéas. Fanwegen de likenis fan syn namme waard er as grûnlizzer fan Brittannië (dat der neat mei te krijen hat) beskôge. Brittannië is it ryk fan de Britten = Kelten. Wat no folget is ien fan de Britse, Keltyske of Arthurromans.
- 25ff Arthur syn plak yn de rige fan Britse keningen, dy't ôfstammen fan Brutus, stiet beskreaun yn Geoffrey fan Monmouth syn Skiednis fan de Keningen fan Brittannië.
- 30 In Lay is in ferheljend gedicht oer wûnders en aventoeren, dat songen en foardroegen waard. Mar 'in lyts skoft lústerje' sil hjir net genôch wêze.
- 33-36 seit de dichter oer foarm en ynhâld fan syn liet. In sterke stoarje is wat oars as in sterk ferhaal (net te leauwen). stânfêst stêfrym = de krechte alliteraasje, dy't al ieuwen yn gebrûk wie. Mar dizze selde rigel bewiist, dat er it einrym, út 'e Romaanse talen oerkomd, ek brûkt.
- 37 Arthur hold hof op Krysttyd, Peaske, Himelfartsdei, Pink-

hear gawain en de griene ridder

- ster en Alderheljen (536). Wêr't Kamelot lei, is net bekend. Mar it moat súdlik fan Wales of yn Súd-Wales west ha.
- 39 De ridders fan de Rûne Tafel, dêr't hear Gawain ta hearde, waarden doelwyt fan de gemiene Morgan la Fay yn it Aventoer fan de Griene Kapelle (2456 - 2458)
- 43 caroles: gjin carols, mar dûnsen, sjoch noat by 473. Dêrom de govert (ring-dance).
- 74 Gwiniwier, de prûzichste, is Arthur syn frou, dus de kenin-ginne.
- 77 tule is winlik neamd nei de Frânske stêd Tulle. Mei Tharsia is bedoeld Turkestan yn Sintraal Azië. Blykber wienen de Toerkmeense tapiten doe al yn West Europa!
- 109ff Gawain en Agravain 'mei de hurde hân' wienen beide soanen fan de kening Lot fan Orkney. Har mem wie Anna, ien fan Arthur syn healsusters. Morgan la Fay wie ek in healsuster fan Arthur en is dus Gawain syn muoike (2464). Biskop Baldewyn as de kening syn riejouwer hie uteraard in eareplak. Iwain, soan fan Urin en Brimesent, wie ien fan Arthur syn omkesizzers.
- 277 bleate striid is fjochtsje sûnder wapens, fl.290
- 362 lústren yn 't lij = mûskoppen súntsjes.
- 399 by Him dy't my wrocht hat = by God de Skepper.
- 445 de kostlikste op 'e kroanbank: keninginne Gwiniwier, dy't er bang meitsje wol.
- 472ff interludes, lett. tuskenspullen, wienen luftige, fleurige toanielstikjes, dy't opfierd waarden tusken de bedriuwen troch, de gongen fan it banket.
- deftige dûnsen: caroles wienen gjin Krystlieten yn de hjoeddeiske sin fan 't wurd. It wurd komt fan Gryks: khoraules = dûnsfluit, dus dûnsjen en muzyk, foaral fokaal, dus dûnsjen en sjongen. In oare ôflieding is fan Latyn corolla, dan tsjut it oan in ring-dance, rondedans, in raaien yn it rûn, in govert.
- 484 muzyk: lett. minstrelsy. minstrelen wienen sjongers en spyl-

- ders dy't har (eigen) fersen foardroegen ta fermeits fan har hearen (patroanen) en dy har gasten. Hja stienen yn tsjinst (ministerium) fan har hear. Toanielspyljen, dûnsjen, sjongen en muzyk wienen dus wenst oan it hof fan kening Arthur. By de âlde Kelten hiet de sjonger en dichter bard. De âlde Noarske hofdichter hiet skald, dy't heldendichten foardroech.
- 502 de koartkearige Fêsten: tiid fan ynkear, as men jin fleis ûnt-sizze moast. Flak foar de fêsten is it carnaval, fan Latyn carne vale = fleis farwol [sizze].
- 517 Séfirus fan Gryks Zéfuros is de mylde Westewyn.
- 532 Sint Michiel: Michaelmas is op 29 septimber, de ein fan it tredde fearnsjier en it begjin fan it lêste.
- 536 Alderheljen: 1 novimber wie ien fan de hofdagen fan Kening Arthur, sj. 37
- 551ff Iwain, neef fan Gawain. Dodinal de wylde, wie sljocht op jeien. Syn sibbe Galesjin wie de hartoch fan Clarence. Lancelot en Lionel wienen neven en Bors wie Lionel syn broer. Bedwier in broer fan Lukan de bottelier. Mador is portier.
- 620ff Hear Gawain syn skyld is fan skitterjend read (keel yn de wapenkunde) mei de gouden fiifhoek. Dit saneamde pentagram is in fiifpuntige stjer, dy't hjir in hiel bysûndere betsjutting hat! It is in symboal dat Salomo ynsette ienris' en spile in rol yn it kabbalisme (it Salomonssegl yn de geheime Joadse leare).
- 625 It is in teken fan Trêft, lett. truthe; dat is net de wierheid, mar betrouberheid en oprjochtens, en waard letter ta symboal fan folsleine sûnens fan geast en lichem, en ek sedelike suverheid (deugden). It getal 5 spilet hjirby in grutte rol. Gawain wie 'altdy folút betrouber yn fiif punten en fiif kear op elts punt, dus $5 \times 5 = 25$ kear! Dat wurdt útlein yn de folgende strofe dy't 25 (= 5×5) lange rigels hat
- 640ff 1.syn fiif sinnen, 2.syn fiif fingers (fûsten en handichheid),

hear gawain en de griene ridder

- 3.de fiif wûnen fan Kristus oan it krús, 4.de fiif freugden fan Maria en 5.de fiif deugden.
- 656ff al dy fiif: linen fan de fiifhoek (it pentagram) elts ynheakjend yn de oare (657).
- 649 en 662 It byld fan Maria stie binnenyn syn skyld, it teken (de pentangle) stie op syn skyld sketst 'keninklik glânzjend fan goud op in grûn fan read'.
- 698ff Gawain syn rûte troch Noard Wales: de eilannen fan Anglesey hold er lofts = westlik, omt er nei it N. reizge. De furden moatte west ha troch de rivieren Conwy en Clwyd; de Holyhead is de NWpunt fan Holy Island oan de Ierske See. Wirral is in skiereilân tusken de mûningen fan de Dee en de Mersey, in wyldernis. Logres is yn it súden fan Ingelân (?). Wirral wie berucht om de boeven dêre.
- 721 de wâldgeasten binne in soarte fan saters, trollen yn dy aaklike oarde.
- 757ff Pater Noster: it gebed dat begjint: Us Heit, en Ave Maria: Groetnis Maria (oankundiging fan Kristus' berte) en Credo = ik leau, de belidenis fan it leauwe.
- 774 Sint Julianus wie de beskermhillige fan de reizgers.
- 787ff De detaillearre beskriuwing fan it kastiel toant de dichter syn kreative kennis fan de boukeunst: alle faktermen binne him bekend. Aardich is de ferliking mei knipselprinten (802) silhouetten út papier, dy't men brûkte ta fersiering fan skalen.
- 810 swalker, lett. knight errant = doalende ridder.
- 869 Kristus: wurdt hjir lyksteld mei God de Skepper.
- 890 in protte fisk: Krystjûn, de dei fóar Krysttyd wie in fêsteldei: gjin fleis ite.
- 947 De 'oare dame' is âld (948) en ûnsjoch (953, 958) Letter (sj. 2463) blykt hja te wêzen Morgan la Fay, dy't de Griene Ridder betsjoend hat.
- 978 krûden: speserijen as gember en swieteprikke brûkte men by it wyndrinken.

- 981ff De slothear daget út ta in foech skyngefjocht; syn kape is in findel of banier.
- 1022 Sint Jansdei: de tredde Krystdei, dus 27 desimber.
- 1126ff De keur (1130) de hege hearen hienen stalfeinten (grooms) en kennelers = hûnefeinten (catchers) en hâlders fan harte-hûnen (veutres, 1146) Der wie ferskaat fan jachthûnen: brakken (1142) rûkers (raches) dy't op de rook fan it spoar ôfgean (1164) en de grize wynhûnen (greyhounds) 1171, dy't de búteskuorden.
- 1144 Wylst de hear op harten jaget, makket syn frou jacht op it hert fan Gawain.
- 1150ff Foar it sjitten fan bokken (de manlike harten) wie fan septimber ont juny in ferbeane tiid (9 moannen) Men jage no allinne op de wyfkes (hindes = hinen, 1158) De does' (1159) binne de 'females of fallow deer' wyfkes fan harten. De deimen binne 'damharten' (ôflaat fan dame) 1159
- 1284 miswier, lett. ferlies = ûnheil. De klap dy't ferdôve, wie syn needlot (1287).
- 1328ff It iepensnijen fan de harten is suver in anatomyske les, bg. 1335: Hja stieken de strôte (throat of deer) including the gullet (wesaunt) hja skaten de swolge fan de smelle longpiip (windpipe) ensf. Al de dielen binne sa krekt mooglik werjûn, mar faaks hat in slachter wol wat oan te merken.
- 1512 - 1519: de frouwe ûnderbrekt harsels mei in tirade oer de hofske leafde, en hja brûkt dêrby boeketaal, as yn in ridderroman (de titel en de tekst fan har wurken, nb!) Neffens har stiet elts ridderaventoer yn tsjinst fan in oanbidden leafste (1517ff)
- 1526ff Hja moat yndied as 'in jong ding' noch hiel wat lessen fan leafdeskeunst leare (1527) fan de master, dy't sels sa dom is of har te ûnnoazel achtet (1529).
- 1540 Hear Gawain antwurdet yn styl: hy kin gjin 'kommentaar op de tema's en teltsjes fan ridders jaan'. Dat soe in dûbele

hear gawain en de griene ridder

dwaasheid wêze (1545)

1644 Sint Gilles = Egidius wie in hillige hearremyt dy't yn de bosk wenne mei in ree (dus in hart!) as selskip.

1647 lett. stiet der 'as jo mear sokke hannel driuwe'. Dat seit de gasthear gekjend.

1655 conductus wie oarspronklik in mearstimmich liet yn de liturgy fan de tsjerke, in motet songen as de pryster nei it alter gong. Hjir binne it lieten oer Krysttyd. Fan dizze midsieuske 'coundutes' stamme de tsjintwurdige carols.

1655 Wat hjir caroles neamd wurde, binne dûnslieten.

1669 fannijs deselde noaten neontsje = itselde spul spylje.

1680 'Tredde goai tûkste goai' is in siswize út it dobbelspul, lêste kâns bêste kâns.

1701 sneuper: lett. kennet (= hûntsje) is in lytse jachthûn.

1713ff trije fan 't fûl griis skaai binne grize wynhûnen (greyhounds).

1726 dy steurders (lett. ticklers = kidelers) de hûnen dy't him efternei sieten.

1728 Reinhard = Rein de Foks mei syn slûchslimme streken (sj. myn Rein de Foks) Frânsk: renard.

1752 lett. hoe't it Needlot him dy deis tadiele soe syn lot (wyrde) It wurd wyrde is in typysk wurd fan it âld Noarske fatalisme, heidensk dus. fl.2132, 2138, 2159.

1769 Hjir is de Virgo Immaculata: de keine Faam Marije, Maria de hoedster fan syn keinens.

1788 Sint Jan = Jehannes, de net troude apostel, oan wa't Kristus syn mem Maria tabetroude.

1814 dy leaflik' ûnder linnen is in dichterlike oantsjutting fan de frou(we).

1829ff de gurdle (kuisheidsgordel) fan griene side en mei goud bestikt (1832) bea hja him oan. Hear Gawain sloech him earst ôf, mar doe fertelde de dame him it 'aard' dws. de tsjoen, de magyske eigenskip fan de gurdle: wa't dizze griene riem

- draacht, kin fan gjin hear ûnder de himel tehoude wurde (1853). Doe joech Gawain ta (1861) en naam de gurdle oan, want dy koe him goed fan pas komme by de 'slach' (1856, 1857).
- 1875 Gawain ferburch de gurdle 'trou' der stiet lett. hulde, brûkt foar trou oan syn hear.
- 1916 Mei in kostlike humor praat de dichter fan 'Reinhard syn siele'. Ferlykje hjirmei (1879, 1880) Gawain dy't de pryster frege 'by it stjerren syn siel te rêden'.
- 1938 De gasthear praat wer yn termen fan hannel (keapwaar, goedkeap, de priis)
- 1944 Sels hat de gasthear 'neat oars wûn as dit flarderich foksefel; de duvel mei dit guod ha! it profyt is foar Hantsje Pik.
- 1947 de trije tuten binne in tresoar, Frânsk trésor = skat.
- 1968 Nijjersdei wurdt foar Gawain 'the dome of my wyrdes' dei fan it oardiel. fl. 1752 ensf.
- 2026 it kenteken is it pentagram, de fiifpuntige stjer, sj. noat 620 ff.
- 2132 grande = poarsje fan it lot. Der stiet lett. nettsjin-steande wat der barre mei.
- 2134 sa't it Needlot it ha wol. fl. de macht fan it Needlot mei de macht fan God (2138) en Syn kinnen (2159) Gawain hat him oan God tabetroud.
- 2187f. de deale = de duvel, fl. 2192, 2193 de Fijân sels = de kweade, de Satan. De metten binne de earste fan de 7 tsjerklike getiden, songen om midnacht of foar it daagjen fan de dei.
- 2195ff Dizze ûnhuere Griene Kapel is foar Gawain: de fûlst ferflokke tsjerke (kyrk) (2196).
- 2222ffit skriklik wapen blykt in Noarske akse. De Deenske bile wie in striidbile, sa neamd nei de Noarmannen, dy't him faak en folle brûkten (de Wytsingen).
- 2298ff Beide hearen toane in grimmitige humor; de gasthear 'Let op dyn luchtpiip' (2298) en Gawain: Ik hoopje dat dyn

hear gawain en de griene ridder

- hert huveret yn dy (2301) m.o.w. do doarst net, bist bang.
2356ff Gawain hat ûnearlik west, want hy hat de tredde deis fersomme (in lek yn dyn trou hiest 2366) de djoere gurdle oan syn gasthear te jaan. (2358)
- 2374ff Leffens en Begear binne de tsjinstellings fan Gollens en geve Trou. Hoewol Gawain himsels trijeris fan begearte beskuldget (2374, 2380, 2508) hat er de gurdle net begeard om de wearde yn jild noch as sieraad. Syn natoer is ridderlikheid en toant de neamde deugden, dy't passe by ridders. Mar syn fersom wie 'fout en faai' (2386)
- 2416ff No folget de yn de Midsieuwen brûklike list fan manlju, dy't troch in frou yn it ûnleech rekken. Yn ús eagen folslein ûnbillik: Bateba is wol it grofste foarbyld. It is planút falsk te konkludearjen: troch in frou op 'e doele brocht (2426)
- 2445 Bertilak de Hautdésert blykt de echte namme fan de Griene Ridder. Frânsk haut = heech en désert = iensum plak. Mar désert wie ek de went fan in klûzener, dus haut désert is likernôch hege klûs.
- 2446 Morgan la Fay (fee) fan Latyn Fata (meartal fan fatum) dus oarspronklik needlotsgoadinne. Morigu of Morigain is de Middel-Ierske namme fan in Keltyske goadinne fan de oarloch. Hja hie fan Master Merlyn de betûftens yn it tjoenen leard en 2459ffhja hat Bertilak betsjoadend en yn it grien stal brûkt om Gawain gek te meitsjen
- 2460 en om de keninginne te kringen ta de dea. Morgan har hate tsjin de keninginne kaam fuort út it feit, dat Gwiniwier har ferballe hie fan it hof.
- 2464 Lykas Gawain syn mem wie Morgan in dochter fan de hartoginne fan Tintagel, dy't letter by kening Uther Pendragon de mem fan Arthur waard. M. is Gawain syn muoike.
- 2485ff Gawain draacht de gurdle no ta in teken fan skande (2488) skean as in sjerp oer it skouder; hy toande de sneed yn syn nekke (2498) en skamme him (2504).

- 2516ff Neidat Gawain syn skuld beliden hat, is de reaksje fan it hof myld: hja begûnen lûd te laitsjen. Hja ferjouwe him net allinne, nee hja beslute sels, dat elts fan de Ridders fan de Rûne Tafel drage sil 'skean oer it skouder in sjerp fan skitterjend grien'. (2517) om it foarbyld te folgjen fan de froede Gawain' (2518) wat it dragen fan sa'n baldrik oangiet. Sterker noch: it teken fan skande wurdt it teken fan eare: en elts achte him eare, dy't altyd dy bân droech; [fl. de skelnamme: Geus] Hjir soe de oarsprong lizze fan de Oarder fan de Hoasbân (sjoch lêste noat)
- 2521 it bêste boek fan ridderskip, lett. romance. Dit is it literêre genre fan de romances: medieval verse tales on a hero of chivalry, wat wy ridderromans neame. Mar hokker boek(en) hjir bedoeld is, is net dúdlik.
- 2523 de Britse boeken: lett. Brutus boeken! hjirmei bedoelt de dichter de kroniken fan de Kelten, dy't net perfoarst wijd hoege te wêzen oan de skiednis fan Brutus.
- 2524ff Troch wer te kommen op Brutus, de stifter fan Britannië komt de dichter út dêr't er begûn is. De ridderroman hat in saneamde ringkomposysje, sadat r. 2525 gelyk is oan rigel 1.
- 2530 Lykas wenst yn 'e Midsieuwen einget de dichter syn 'roman' mei in gebed.

Nei de ein stiet noch HONY SOYT QUI MAL PENCE = skande oer him dy't der kwea fan tinkt, yn it Frânsk, want Frânsk wie de hoftaal sûnt de Frânsktalige Normandiërs Ingelân oermastren yn 1066. Dizze spreuk is it devys fan it Ingelske wapen en fan de Oarder fan de Hoasbân; the Order of the Garter is de heechste Ingelske ridderoarder. It wurd Garter is fan Aldfrânsk gartier fan garet, no jarret, derfan is ôflaat jarretel; Wels gar bestjut skonk of skine. It motto fan de Oarder fan de Hoasbân suggereart, dat it slot fan it gedicht wiist op de stifting fan in nije ridderoarder. Mar de Arthur Oarder fan de Griene sjerp komt net oerien mei

hear gawain en de griene ridder

de Oarder fan de Hoasbân of hokker oare 14de ieuske oarder ek. Boppedien in sjerp is gjin hoas-bân; dy lêste hat it beswier dat er ûnsichtber droegen wurdt.

It beslút neamd yn 2514 ff is gauris sjoen as in oanwizing dat it gedicht makke is foar in ridderoarder. Yndied hiene guon oarders in soarte fan kragen, sa't Gawain de glimmende gurdle oer de groede droech, mar ek skean as in sjerp oer it skouder, oan 'e side fêstbûn (2485 ff) Yn in lettere ridderroman dy't basearre is op Hear Gawain en de Griene Ridder, t.w. The Green Knight, is de bân wyt en dy wurdt dan beskôge as de oarsprong fan de sjerp fan de Ridders fan Bath.

Al mei al is der gjin inkeld bewiis, dat yn Hear Gawain en de Griene Ridder doeld wurdt op de Oarder fan de Hoasbân. Mar wêr komt it ferhaal dan wei? Polydore Vergil yn syn *Historica Anglica* (Skiednis fan Ingelân) út 1533 seit, dat de oarsprong leit yn in foarfal oan it hof fan kening Edward III (1327 - 1377). Op in hofferst ferlear in adellike dame in hoasbân en de kening krige dy op. Doe't elkenien derom lake of spytgnyske, sei de foarst, it soe mei gauwens in eare wurde in hoasbân iepenlik te dragen. En sa soe de Oarder ûntstien wêze, mar der wurde ek oare ferklearrings jûn. Koartsein, de spreuk HONY SOYT QUI MAL PENCE lost neat op en smyt allinne mar nije fragen op.

KOLOFON

Fan Klaas Bruinsma te Aldemardum, berne Easterein (L.) 1931, âld learaar Ingelsk en skiednis, ferskynden yn 'e ôfrûne fjirtich jier gâns oersettingen fan poëzij en toaniel út de wrâldliteratuer.

Bruinsma fertaalde ûnder oaren út it klassyk Gryks, Ald-, Middel- en Nijingelsk, Dútsk, Frânsk, Middelnederlânsk, Nederlânsk en Spaansk. Oarsom brocht er Fryske fersen yn it Spaansk oer. De measte publisearre oersettingen ferskynden yn de tydskriften Hjir en Trotwaer.

Bruinsma krige yn 1993 de Obe Postma-priis foar oersettingen yn it Frysk (bekroane waard syn *Sófokles* fertaling).

Fan Bruinsma waard earder útjûn:

Rein de Foks (oersetting Van den Vos Reynaerde) - L. Jansma Bûtenpost, 1974;

Sa Bist (oersetting fan Esopet, 67 fabels) - De Tille/Bosch en Keuning Baarn, 1985 ISBN 90-246-4537-9;

Sófokles, Trije Tragedzjes - Van der Eems Easterein, 1991 ISBN 90-800577-3-8;

Béatrys - Frysk en Frij Ljouwert, 1993 ISBN 90-73554-07-1;

In priuwke Fryske poëzy mei oersettings yn it Dútsk, Ingelsk en Frânsk, útjûn foar de FYK - Gysbert Japicx-hûs Boalsert, 1994;

Karel en Elegast - Frysk en Frij Ljouwert 1994 ISBN 90-73554-13-6;

Liudger en Gregorius, oersetting fan twa hagiografyen - Het Witte Boekhuis Boalsert, 1997 ISBN 90-7036585-5;

In namme seit mear, Fryske jonges- en famkesnammen - Gysbert Japicx-hûs Boalsert, 1998 ISBN 90-80-43-1818;

Mei-Maaie, sang fan Herman Gorter mei herdichtung yn it Frysk - Utjouwerij Frysk en Frij Ljouwert, 1998 ISBN 90-73554-30-6;

Lieten fan Minne - strofyske dichten fan Hadewych mei herdichtung yn it Frysk troch Klaas Bruinsma - Utjouwerij Frysk en Frij Ljouwert, 2001 ISBN 90-73554-72-1.